

Hannelingen

1¹ Myn earste wurk, Teöfilus, haw ik skreaun oer wat Jezus dien en leard hat, fan it begjin ôf oan 'e dei ta dat er yn 'e himel opnommen waard, nei't er troch de hillige Geast de apostels dy't er útkeazen hie, syn opdrachten jûn hie. ³ Nei syn lijen hat er himsels libbensliif oan har sjen litten, ferskate kearen; fjirtich dagen lang ferskynde hy oan har en lei er har it keningskip fan God út.

⁴ Doe't er in kear by har wie, droech er har op: 'Gean net út Jeruzalem wei, mar wachtsje op wat de Heit tasein hat, dêr't ik jimme fan ferteld haw. ⁵ Want Johannes doopte mei wetter, mar jimme sille doopt wurde mei de hillige Geast, en dat duorret net lang mear.'

⁶ Doe't sy in kear sa byinoar wiene, fregen se him: 'Hear, sille jo yn dizze tiid it keningskip foar Israel wer ynstelle?' ⁷ Hy sei: 'It komt jimme net ta om it ferrin en de tiden te witten, dy't de Heit yn syn eigen macht fêststeld hat. ⁸ Mar as de hillige Geast oer jimme komt, sille jimme krêft ûntfange en myn tsjûgen wêze yn Jeruzalem, yn hiel Judeä en Samaria en oan de einen fan 'e ierde ta.'

⁹ Doe't er dat sein hie waard er foar har eagen opheve en opnommen yn in wolk, dat se him net mear sjen koene. ¹⁰ Wylst se nei de himel stiene te stoarjen mei't hy fuortgie, stiene dêr ynienen twa manlju by har yn wite klean. ¹¹ Dy seine: 'Galileeërs, wat steane jimme dêr nei de himel te sjen? Dizze Jezus, hy dy't by jimme wei yn 'e himel opnommen is, sil krekt-en-gelyk weromkomme as jimme him nei de himel ta gean sjoen hawwe.

¹² Doe giene de apostels werom nei Jeruzalem fan de saneamde Oliveberch ôf, dy't net fier fan Jeruzalem leit, sa'n sabbatsreis. ¹³ Yn de stêd oankommen giene se nei de boppeseal dêr't se taholden: Petrus, Johannes, Jakobus en Andreäs, Filippus en Tomas, Bartolomeus en Matteüs, Jakobus de soan fan Alfeüs en Simon de Seloat en Judas de soan fan Jakobus. ¹⁴ Dy wijden har allegearre ienriedich oan it gebed, yn it selskip fan in tal froulju en fan Maria, Jezus syn mem, en fan syn broers. ¹⁵ Yn dy tiid gie Petrus yn it fermidden fan de bruorren en susters stean en hy sei – der wiene sa'n hûndertweintich minsken byinoar: ¹⁶ 'Bruorren, it skriftwurd, dat de hillige Geast troch David sprutsen hat oer Judas, dy't foar de lju dy't Jezus oppakt hawwe paadwizer wurden is, moast wol útkomme. ¹⁷ Want hy wie ien fan ús tal en mocht yn dit tsjinstwurk stean. ¹⁸ It lean foar syn skandalige died hat er in stik lân fan kocht. En hy is foaroer fallen en iepenbarst, dat syn hiele yngewant derút kaam. ¹⁹ Alle ynweners fan Jeruzalem hawwe derfan heard. Dêrom neame se dat stik lân yn har eigen taal Akeldama, dat betsjut 'bloedlân'. ²⁰ Yn it boek fan 'e Psalmen stiet ommers: "Lit syn wenstee ta wyldlân wurde, dêr mei gjin bewenner wêze" en "Lit in oar syn taak oernimme". ²¹ Dêrom moat ien fan 'e mannen dy't mei ús giene, hieltiten as de Hear Jezus by ús kaam en derop út gie, ²² fan 'e doop troch Johannes ôf oan 'e dei ta dat er by ús wei opnommen waard, mei ús tsjûge wurde fan syn ferrizenis.'

²³ Se sochten twa út: Joazef dy't Barsabas hiet, en dy't ek wol Justus neamd waard, en Mattias.

²⁴ Doe sprutsen se dit gebed út: 'Jo, Hear, kenne alle herten. Wiis ús út dizze beiden de iene oan dy't jo útkeazen hawwe ²⁵ om it tsjinstwurk en it apostelskip oer te nimmen dêr't Judas by troch rekke is om te gean nei it plak dêr't er thúsheart. ²⁶ Se lieten har lotsje en it lot foel op Mattias. Hy

waard by de alve apostels keazen.

² Doe't de dei fan it Pinksterfeest oanbruts, wiene se allegearre byinoar. ² Ynienen kaam der út 'e himel in lûd as fan in fûle, oanstoarmjende wynpûst. It hiele hûs dêr't se sieten, waard der fol mei. ³ En se seagen tongen, dy ferdielden har en liken wol fan fjoer, en dat sette him op elk fan har del, ⁴ en se kamen allegearre ûnder it beslach fan hillige geast en begûnen yn oare talen te praten, sa't de geast it har ynjoech.

⁵ No holden der yn Jeruzalem Joaden ta, fromme manlju út alle folken ûnder de himel. ⁶ Doe't dat lûd wjerklonk, kaam de hiele kloft byinoar en se rekken alhiel ferbjustere, want elkenien hearde har yn syn eigen taal praten. ⁷ Se wiene derôf en seine ferheard: 'Binne dat net allegearre Galileeërs dy't dêr oan it wurd binne?' ⁸ Hoe komt it dan dat wy se allegearre yn 'e taal praten hearre fan it lân dêr't wy berne binne?' ⁹ Parten en Meden en Elamiten en de bewenners fan Mesopotamië, Judeä, en Kappadoasië, fan Pontus en Asia, ¹⁰ Frigië en Pamfilië, fan Egypte en de krite fan Libië by Sirene, en de minsken út Rome dy't hjir wenje, ¹¹ Joaden en bekearlingen, Kretenzers en Arabieren – wy hearre se yn ús eigen taal praten oer de grutte dieden fan God. ¹² Se wiene der allegear ôf en wiene der glêd mei oan en seine tsjininoar: 'Wat hat dit te betsjutten?' ¹³ Mar oaren besloegen it mei de gek en seine: 'Se binne dronken fan swiete wyn.'

¹⁴ Mar doe kaam Petrus nei foaren, mei de alve oare apostels, en spruts de oanwêzigen mei lûde stim ta: 'Jimme, Joaden en allegearre dy't yn Jeruzalem tahâlde, dit moatte jimme witte, en jimme moatte nei myn wurden harkje. ¹⁵ Dizze minsken binne net dronken, sa't jimme tinke, want it is ommers noch mar njoggen oere. ¹⁶ Wat hjir bart is wat de profet Joël foarsein hat:

¹⁷ Yn 'e lêste dagen, seit God,
sil ik oer alle minsken myn geast útjitte.
Dan sille jimme soannen en dochters profetearje,
de jonge minsken sille fizjoenen sjen
en de âlderein dreamgesichten dreame.

¹⁸ Ja, oer myn tsjinstfeinten en -fammen
sil ik yn dy dagen myn geast útjitte,
en se sille profetearje.

¹⁹ Ik sil wûnders sjen litte boppe oan 'e himel
en tekens ûnder op ierde: bloed en fjoer en reekwalm.

²⁰ De sinne sil feroarje yn tsjusternis en de moanne yn bloed
ear't de grutte, strieljende dei fan de Hear komt.

²¹ Dan sil in elk dy't de namme fan de Hear oanropt behâlden wurde. ²² Jimme, Israeliten,
harkje nei dizze wurden: Jezus út Nazaret, dêr't God jimme omtinken op fêstige hat,
mei grutte dieden, wûnders en tekens, dy't God, lykas jimme wol witte, yn jimme
fermidden dien hat, ²³ dy hawwe jim, neffens Gods fêste bedoeling en foarkennis
oerlevere, troch heidens fêstspikerje en deadzje litten. ²⁴ Mar God hat him ferrize litten
en de fleagen fan 'e dea fan him weinommen. Want it wie ûnbesteanber dat de dea
him oermânsk bliuwe soe. ²⁵ Want David seit mei it each op him:

“Ik hold de Hear aloan foar eagen,
hy stiet njonken my, ik wankelje net.

²⁶ Dêrom wie ik fan herte bliid
en jubele myn tonge.

Ja, sels myn lichem mei de hoop behâlde,

²⁷ want jo sille my net yn it deaderyk efterlitte
en jo hillige net it ferdjer ûndergean litte.

²⁸ Jo hawwe my de wei fan it libben bekend makke, jo sille myn hert fol freugde meitsje, deun by jo. ²⁹ Bruorren en susters, ik kin jimme frijút sizze dat de aartsfaar David stoarn en ek begroeven is, en dat syn grêf oan hjoed-de-dei ta yn ús fermidden is. ³⁰ No wie hy in profeet en hy wist dat God him mei in eed tasein hie dat ien fan syn eigen neiteam op syn troan sitte soe. ³¹ Sadwaande hat er de ferrizenis fan Kristus foarút sjoen en sein dat hy net yn it deaderyk efterlitten wurde soe en dat syn lichem net it ferdjer ûndergean soe.

Dy Jezus hat God ferrize litten út 'e dea, en dêr binne wy allegearre tsjûgen fan. ³³ Hy is dus ferhege troch Gods rjochterhân en hy hat fan 'e Heit de hillige Geast ûntfongen dy't tasein wie. Dy Geast hat er oer ús útstoart, en dat is wat jimme no sjogge en hearre. ³⁴ David is ommers net nei de himel opfearn, mar hy seit sels: "De Hear hat tsjin myn Hear sein: 'Gean sitten oan myn rjochterhân, ³⁵ oant ik fan dyn fijannen foar dy in fuotbank makke ha.'" ³⁶ It hiele folk fan Israel moat der dus wis fan wêze dat God him ta Hear en Kristus makke hat – dyselde Jezus, dy't jimme krusige hawwe.'

³⁷ Doe't se dat hearden, gie it har troch alles hinne en se seine tsjin Petrus en de oare apostels: 'Wat moatte wy dan dwaan, bruorren?' ³⁸ Petrus antwurde har: 'Bekear jimme en elk moat him dope litte yn de namme fan Jezus Kristus om ferjouwing fan sûnden te krijen. Dan sille jimme de hillige Geast ûntfange, ³⁹ want foar jimme jildt de belofte, en foar jimme bern en foar allegearre dy't noch fier fuort binne, safolle as de Hear, ús God, der noch by roppe sil.' ⁴⁰ Hy joech syn tsjûgenis ek noch yn oare wurden en stie der tige by har op oan: Lit jimme rêde út dit ferdoarne geslacht!

⁴¹ Deselden dy't syn wurd oannamen, lieten har dope; dy deis kamen der sa'n trijetûzen minsken by. ⁴² Se holden har trou by it ûnderrjocht fan de apostels, by de mienskip, by it dielen fan har brea en by de gebeden. ⁴³ Elkenien wie fol ûntsach, en der barden gâns tekens en wûnders troch de apostels. ⁴⁴ Allegearre dy't leauden, bleauwen byinoar en hiene alles mienskiplik. ⁴⁵ Se ferkochten dan har goed en besit en ferdielden dat ûnder allegearre, wannear't ien mar ferlet hie. ⁴⁶ Se kamen trou alle dagen gear yn 'e timpel, dielden thús fan har brea en ieten yn freugde en ienfâld. ⁴⁷ Se loven God en stiene by it hiele folk yn 'e geunst. De Hear makke har tal alle dagen grutter mei minsken dy't beholden waarden.

³¹ In kear giene Petrus en Johannes middeis op de tiid om te bidden, om in oere of trije, nei de timpel. ² Dêr waard ek in man hinne droegen dy't al fan syn berte ôf lam wie; dy leine se dan alle dagen del by de timpelpoarte dy't de Sierlike hjit, om te biddeljen fan de timpelgongers. ³ Doe't er Petrus en Johannes seach op it stuit dat dy de timpel yn gean soene, frege er har om in lytse jefte. ⁴ Petrus seach ris goed nei him, en Johannes ek, en hy sei: 'Sjoch ús ris oan.' ⁵ De bidler seach nei har op, yn 'e ferwachting dat er wat fan har krije soe. ⁶ Mar Petrus sei: 'Sulver en goud haw ik net, mar wat ik al haw, dat jou ik dy: yn 'e namme fan Jezus Kristus fan Nazaret, kom oerein en rin!' ⁷ Doe krige er him by de rjochterhân en holp him oerein. En fuortynienen waarden syn fuotten en syn ankels stevich. ⁸ Hy sprong oerein en hy koe rinne, en hy gie mei har de timpel yn, rinnende- en dûnsjendewei wylst er God love. ⁹ De hiele mannichte seach him dêr rinnen en God loovjen, ¹⁰ en se koene him werom as deselde dy't altyd by de Sierlike Poarte fan 'e timpel siet te biddeljen. Se rekken alhiel oerstjoer en fan 't sintrum om wat der mei him bard wie.

¹¹ Wylst de man him fêsthôld oan Petrus en Johannes kaam de hiele mannichte ferheard op har ta yn wat neamd wurdt de pyldergong fan Salomo. ¹² Doe't Petrus dat seach spruts er it folk sa ta: 'Mannen fan Israel, wêrom ferwûnderje jimme jimme sa? Wat steane jimme ús oan te stoarjen as hiene wy troch eigen krêft of frommens berikt dat dizze man wer rinne kin?' ¹³ De God fan Abraham, de God fan Izaäk, de God fan Jakob, de God fan ús foarfaars, hat syn tsjinstfeint Jezus

ferhearlike, deselde dy't jimme oerlevere hawwe en ôfwiiisd hawwe foar de rjochtbank fan Pilatus, doe't dy fan doel wie om him frij te litten. ¹⁴ Jimme hawwe de Hillige en Rjochtfeardige ôfwiiisd en foar in moardner graasje frege. ¹⁵ De paadwizer nei it libben hawwe jimme deade, mar God hat him opwekke út 'e dea – en dêr binne wy de tsjûgen fan. ¹⁶ Syn namme, mei it feit dat hy dêryn leaud hat, hat dizze man, dy't jimme hjir sjogge en dy't jimme kenne, wer krêft jûn; it leauwe dat Jezus jout hat him wer folslein geef makke, sa't jimme allegearre sjen kinne. ¹⁷ Mar goed, bruorren, ik wit dat jimme, en ek jimme lieder, dit dien hawwe om't jimme net better wisten. ¹⁸ Mar sa hat God útkomme litten wat hy troch de mûle fan alle profeten al oankundige hie: dat syn messias lije soe. ¹⁹ Feroarje jimme dêrom en rjochtsje jimme op it útwiskjen fan jimme sûnden. ²⁰ Dan sil de Hear in tiid komme litte dêr't jimme yn oplibje meie en sil hy de messias Jezus stjoere, dy't hy yn it foar foar jimme ornearre hat. ²¹ De himel moat him plak jaan krekt salang dat de tiid komt dat alles wer nij wurde sil, dêr't God fan âlds fan sprutsen hat troch it wurd fan syn hillige profeten. ²² Moazes hat al sein: “De Hear, jimme God, sil út jimme fermidden in profeet lykas my opkomme litte; harkje nei him yn alles wat er jimme sizze sil. ²³ Wa't net nei dizze profeet harkje wol sil út it folk ferdylge wurde.” ²⁴ Ek Samuël en alle profeten nei him hawwe dy tiid oankundige. ²⁵ Jimme hearre by it laach fan de profeten en by it ferbûn dat God mei jimme foarâlden sletten doe't er tsjin Abraham sei: “Yn dyn neigeslacht sille alle folken op ierde seinige wurde.” ²⁶ God hat syn tsjinstfeint yn it foarste plak foar jimme ferrize litten en him nei jimme ta stjoerd om jimme te seinigjen, dat jimme jimme allegearre ôfkeare fan jimme kweade deden.’

⁴¹ Wylst Petrus en Johannes de mannichte noch tasprutsen, kamen de prysters, it haad fan de timpelwacht en de Sadduseeërs op har ta, ² min te sprekken om't se it folk ûnderrjocht joegen en, útgeande fan wat der mei Jezus bard wie, de ferrizenis út 'e dea ferkundigen. ³ Se pakten har op en setten har fêst oan 'e oare deis ta, want it wie al jûn. ⁴ Mar gâns lju dy't de taspraak heard hiene, kamen ta it leauwen, dat it tal leauwigen groeide oan ta likernôch fiiftûzen.

⁵ De oare deis kamen har lieder, de âldsten en de skriftgelearden yn Jeruzalem gear, ⁶ mei Annas, de hegepryster, en Kajafas, Johannes en Aleksander en alle oaren út 'e famylje fan 'e hegepryster. ⁷ Nei't se Petrus en Johannes foarbrocht hiene, fregen se: ‘Troch watfoar krêft of yn waans namme hawwe jimme dit dien?’ ⁸ Doe sei Petrus tsjin har, ûnder it beslach fan de hillige Geast: ‘Lieder fan it folk en âldsten, ⁹ as wy hjoed foar it ferhoar binne om in woldied oan in sike man, hoe't it kin dat dy no wer better is, ¹⁰ dan moatte jimme allegearre en it hiele folk Israel witte: troch de namme fan Jezus Kristus út Nazaret, dy't jimme krusige hawwe, dy't troch God út 'e dea weromroppen is – troch dy namme stiet dizze man hjir sûn foar jimme. ¹¹ Dit is de stien dy't jimme, de boumasters, neat wurdich achten en dy't no de hoekstien wurden is. ¹² By gjinien oars is rêding te finen, want de minsken hawwe ûnder de himel gjin oare namme, troch wa't wy behâlden wurde moatte.’

¹³ Doe't de leden fan it Sanhedrin Petrus en Johannes sa frijút praten seagen en doe't se hearden – it wiene mar ûnbelêzen lju en gewoane minsken – wiene se alhiel ferbjustere en seagen se dat it deselden wiene dy't by Jezus west hiene. ¹⁴ En doe't se by har de man dy't wer better wie stean seagen, koene se der neat tsjin ynbringe. ¹⁵ Se stjoerden har de riedseal út en leine mei-inoar oer. ¹⁶ Se seine: ‘Wat moatte wy mei dizze minsken oan? Want dat dizze lju in dúdlik wûnder dien hawwe, dat wit elk dy't yn Jeruzalem tahâldt en wy kinne it net ûntstride. ¹⁷ Mar om foar te kommen dat der noch mear praat fan komt ûnder it folk, moatte wy har warskôgje om tenei tsjin gjin minske mear oer dizze namme te praten. ¹⁸ Se rôpen har der wer yn en ferbeaën har om ûnderrjocht te jaan oer de namme fan Jezus of dy ek mar te neamen. ¹⁹ Mar Petrus en Johannes

seine: ‘Kinne wy it foar God ferantwurdzje om mear nei jimme as nei God te harkjen? Sis it mar!
²⁰ Wy kinne ús yn alle gefallen net stilhâlde oer wat wy sjoen en heard hawwe.’ ²¹ Nei nochris in stikmannich warskôgings lieten se har frij. Se koene gjin inkelde manier fine om har te straffen fanwegen it folk, want alleman priizge God om wat der bard wie. ²² De man dy’t sa wûnderlik genêzen wie, wie ommers al oer de fjirtich.

²³ Doe’t se wer frijlitten wiene, giene Petrus en Johannes nei har eigen minsken en fertelden har wat de hegeprysters en de âldsten allegearre tsjin har sein hiene. ²⁴ Doe’t dy dat hearden rôpen se ienriedich God oan mei de wurden: ‘Hear, jo hawwe de himel en de ierde en de see makke, mei alles wat dêryn is, ²⁵ jo hawwe troch de hillige Geast ús foarfaar David dizze wurden sizze litten:

Wêrom hawwe de folken sa opsprutsen
en hawwe de naasjes sinleaze plannen makke?

²⁶ De keningen fan de ierde hawwe har opsteld
en de machthawwers hawwe gearspand

tsjin de Hear en syn salvling. ²⁷ Want, wier, se hawwe har yn dizze stêd mei-inoar ferbûn tsjin Jezus, jo hillige tsjinstfeint, dy’t jo salve hawwe: Heroades en Pontius Pilatus, mei de heidens en ek de stammen fan Israel, ²⁸ om dat te dwaan dêr’t jo machtich beslút al yn it foar fan beskikt hie dat it barre moast. ²⁹ No Hear, sjoch har drigeminten, en jou ús, jo tsjinstfeinten, de moed om frijút jo wurd te sprekken. ³⁰ Lit jo macht blike, dat siken better wurde en dat der tekens en wûnders barre yn ’e namme fan Jezus, jo hillige tsjinstfeint.’ ³¹ Nei’t se bidden hiene, begûn it plak dêr’t se byinoar wiene te skodzjen en se kamen allegearre ûnder it beslach fan ’e hillige Geast. En se sprutsen it wurd fan God frijút.

³² De minsken dy’t ta it leauwen kommen wiene, wiene ien fan hert en siel. Noch net ien fan har sei fan syn besit dat it allinne fan him wie, mar se besieten alles as mienskiplik. ³³ Tige krêftich tsjûgen de apostels fan de ferrizenis fan de Hear Jezus en se stiene allegearre tige yn ’e geunst.

³⁴ Noch net ien fan har hie it krap, want wa’t in stik grûn of in hûs yn besit hie, ferkocht wat en droech de opbringst ôf ³⁵ en lei dy foar de apostels del; elk krige dan taparte nei’t er ferlet hie.

³⁶ Joazef, dy’t fan de apostels de bynamme Barnabas krige, dat is yn oersetting ‘soan fan bemoediging’, in Levyt fan Syprus, ³⁷ – dy hie bygelyks in stik lân en hy ferkocht it en hy brocht it jild en lei it foar de apostels del.

⁵ Mar in man dy’t Ananias hiet, mei syn frou Saffira, ferkocht in stik grûn ² en hold wat fan ’e opbringst efterút. Syn frou wie der ek fan op ’e hichte. Hy brocht mar in part nei de apostels en lei it foar har del. ³ Doe sei Petrus: ‘Ananias, wêrom is Satan dy oermânsk wurden, de hillige Geast foar te ligen en in part fan ’e opbringst fan it lân foar dysels te hâlden?’ ⁴ It wie dochs dines salang’t it net ferkocht wie, en doe’t it al ferkocht wie, koest der dochs mei dwaan watst woest? Hoe koe it yn dy opkomme om soks te dwaan? Do hast net tsjin minsken leagene, mar tsjin God.

⁵ Doe’t Ananias dy wurden hearde, foel er dea del en alle minsken dy’t derfan hearden waarden troch grutte huver befongen. ⁶ De jongelju bewuollen him en droegen him derút om him te begraven. ⁷ Sa’n trije oeren letter kaam syn frou der ek yn. Hja wist net wat der bard wie. ⁸ Petrus frege har: ‘Sis my ris, hawwe jimme dat stik grûn foar sa- en safolle ferkocht?’ Se sei: ‘Ja, foar safolle.’ ⁹ Doe sei Petrus tsjin har: ‘Hoe hawwe jimme it tegearre iens wurde kind om de Geast fan de Hear te hifkjen? Hark, de manlju dy’t dyn man begroeven hawwe, steane foar de doar en se sille dy ek útdrage.’ ¹⁰ Op slach foel se dea foar syn fuotten del. Doe’t de jongfeinten deryn kamen, seagen dy har dêr dea lizzen en se droegen har derút om har by har man te begraven.

¹¹ De hiele gemeente en alle minsken dy’t derfan hearden, waarden troch grutte huver befongen.

¹² Troch de apostels kamen der ûnder it folk gâns tekens en wûnders. Ienriedich kamen se

mei-inoar gear yn 'e pyldergong fan Salomo. ¹³ Fan 'e net-Joaden doarde gjinien him by har oan te sluten, mar it folk wie fol lof oer har. ¹⁴ Der kamen hieltyd mear minsken by dy't yn 'e Hear leauden, hiele kloften, manlju en froulju. ¹⁵ Se droegen sels de siken de strjitte op en leine har dêr op bêden en matrassen del, yn 'e hoop dat Petrus syn skaad op ien falle soe as er dêrbylâns kaam. ¹⁶ Der kamen ek gâns minsken út 'e stêden om Jeruzalem hinne op tasetten, mei siken en mei minsken dy't pleage waarden troch ûnreine geasten. En dy waarden allegearre better makke. ¹⁷ Doe kaam de hegepryster fanwegen mei syn meistanners, de partij fan de Sadduseeërs. Se wiene troch en troch jaloersk ¹⁸ en lieten de apostels oppakke en fêstsette. ¹⁹ Mar dy nachts die in ingel fan 'e Hear de doarren fan 'e finzenis iepen en brocht har nei bûten en sei: ²⁰ 'Jimme moatte hjirwei; sykje in plak yn 'e timpel en fertel it folk alles oer dit nije libben.' ²¹ Dat hearden se en se giene noch foar it lemieren nei de timpel ta en dêr joegen se de minsken ûnderrjocht.

De hegepryster en syn meistanners hiene it Sanhedrin byinoar roppen, de gearkomste fan alle âldsten fan Israel, en se stjoerden guon nei de finzenis om de apostels op te heljen. ²² Mar doe't de feinten dêr oankamen koene se har net fine en se giene werom om ferslach út te bringen ²³ en seine: 'Wy fûnen de sel sekuer op it slot, mei de wachters foar de doarren, mar doe't wy dy iepen diene, koene wy gjinien fine.' ²⁴ Doe't it haad fan 'e timpelwacht en de hegeprysters dat ferslach hearden, wiene se har ried tenein en fregen se har ôf wat dêrefter weikomme soe. ²⁵ Al gau kaam der ien mei it boadskip: 'Sjoch, de manlju dy't jimme opsletten hawwe, steane yn 'e timpel it folk te ûnderrjochtsjen.' ²⁶ Doe gie it haad fan de timpelwacht mei syn feinten derhinne en helle har op, mar net mei geweld, om't se bang wiene dat it folk har wolris stiennigje koe.

²⁷ Doe't dy har ophelle hiene, brochten se har foar it Sanhedrin. De hegepryster ûnderfrege har en sei: ²⁸ 'Wy hawwe it jimme strang ferbean om yn dy namme ûnderrjocht te jaan, mar sjoch no ris, jimme hawwe hiele Jeruzalem derûnder te sitten mei dy lear fan jimme en no wolle jimme ús de dea fan dy man op 'e lea skowe. ²⁹ Mar Petrus en de oare apostels antwurden: 'Men moat mear om God syn sizzen jaan as om dat fan minsken.'

De God fan ús foarâlden hat Jezus opwekke, doe't jimme him fermoarde hiene troch him oan 'e krúsbalke op te hingjen. ³¹ Him hat God as liedsman en rêder ferhege en plak jûn oan syn rjochterhân, om Israel ta ynkear te bringen en ferjouwing fan sûnden te jaan. ³² En dêr binne wy de tsjûgen fan en ek de hillige Geast, dy't God jûn hat oan elk dy't om syn sizzen jaan wol.'

³³ Doe't se dat hearden wiene se poerrazend en se woene har deadzje. ³⁴ Mar doe gie ien fan de leden fan it Sanhedrin stean, in fariseeër dy't Gamaliël hiet, in wetgelearde dy't by it hiele folk heech yn oansjen stie. Hy liet de apostels efkes derút bringe. ³⁵ Doe sei er: 'Mannen fan Israel, jimme moatte derom tinke wat jimme mei dizze lju fan doel binne. ³⁶ In skoftke lyn oppenearre Teudas him as ien dy't wit-wat wie en in fjouwerhûndert man sleaten har by him oan, en hy is ombrocht. Doe foel syn hiele oanhing útinoar en der bleau neat fan oer. ³⁷ Dêrnei kaam Judas de Galileeër opsetten, yn 'e tiid fan 'e folkstelling, en hy krige foar syn opstân gâns folk mei. Hy is ek omkommen en de lju dy't it ear nei him hingje lieten, waarden allegearre útinoar dreun. ³⁸ No sis ik ek tsjin jimme: Lit jimme net yn mei dizze minsken en lit har gewurde, want as wat se neistribje minskewurk is, sil it op neat útrinne ³⁹ en as it wurk fan God is sille jimme har net ferneatigje kinne. Oars soe it der noch op útdraaie kinne dat jimme tsjin God stride.' Hy koe har oertsjûgje ⁴⁰ en se rôpen de apostels der wer yn. Se lieten har giselje en leine har it gebod op om net langer te sprekken yn 'e namme fan Jezus. Doe lieten se har gean.

⁴¹ Mar hja giene bliid by it Sanhedrin wei, om't se weardich achte wiene om fernedere te wurden om de namme fan Jezus. ⁴² De hiele dei giene se troch, yn 'e timpel en by minsken thús, mei it jaan fan ûnderrjocht en it ferkundigjen fan it bliid boadskip fan Kristus Jezus.

⁶ Wylst it tal learlingen him útwreide yn dy tiid, begûnen de Gryksktalige gemeenteleden te

foeterjen op deselden dy't Arameesk praten, dat har widdofroulju oerslein waarden by it ompartsjen fan 'e deistige stipe. ² De tolve apostels rôpen doe alle learlingen byinoar en seine: 'It doocht net dat wy de ferkundiging fan Gods wurd lizze litte en by de tafels lâns gean moatte. ³ Dêrom, bruorren en susters, sjoch yn jimme fermidden om nei sân manlju mei in goede namme, ûnder it beslach fan geast en wysheid. Dy sille wy dizze taak opdrage. ⁴ Wy lizze ús dan ta op it gebed en de tsjinst fan it wurd.' ⁵ Dat útstel like de hiele gearkomste goed ta en se keazen Stefanus út, in tige leauwich man, ûnder it beslach fan hillige Geast, en Filippus en Prochorus en Nikanor en Timon en Parmenas en Nikolaüs, in bekearling út Antiochië. ⁶ Se pleatsten har foar de apostels en dy sprutsen in gebed út en leine har de hannen op. ⁷ En it wurd fan God wreide him út en hieltyd grutter waard it tal learlingen yn Jeruzalem. Der wiene ek gâns prysters dy't leauden. ⁸ Stefanus, dreaun troch genede en krêft, die grutte wûnders en tekens ûnder it folk. ⁹ Doe oppenearren har guon leden fan 'e saneamde synagoge fan 'e frijlittenen en dy fan Syrene en fan Aleksandrië en in stikmannich Joaden út Sisilië en Asia, en dy begûnen mei him te diskusjearjen, ¹⁰ mar se koene lang net op tsjin syn wysheid en tsjin 'e hillige Geast, dy't him de wurden ynjoech. ¹¹ Doe stokelen se in pear manlju op, dy't ferklearren: 'Wy wiene derby doe't er Moazes en God lastere.' ¹² Se hisen it folk en de âldsten en skriftgelearden op en dy pakten him op en brochten him nei it Sanhedrin ta. ¹³ Se lieten falske tsjûgen foarkomme dy't seine: 'Dy man jout oan ien tried wei ôf op de timpel en de wet. ¹⁴ Wy wiene derby doe't er sei: "Jesus út Nazaret, dy sil dit hillige stee ôfbrekke en de gebrûken dy't Moazes ús jûn hat feroarje"' ¹⁵ Alle leden fan it Sanhedrin rjochten har eagen op Stefanus en seagen dat syn gesicht wie as dat fan in ingel.

⁷¹ De hegepryster frege him: 'Is dat sa?' ² Stefanus sei: 'Bruorren en liederen fan ús folk, harkje. Doe't ús foarfaar Abraham noch yn Mesopotamië wenne, ear't er nei Haran ta gie te wenjen, ferskynde de gloarjerike God oan him ³ en sei: "Ferlit dyn lân en dyn famylje en gean nei it lân dat ik dy oanwize sil." ⁴ Doe gie er út it lân fan 'e Galdeeërs wei en sette him nei wenjen yn Haran. En dêrwei, nei it ferstjerren fan syn heit, brocht God him nei dit lân dêr't jimme no yn wenje. ⁵ Hy joech him dêr gjin grûn as eigendom, noch gjin fuotbreed, mar die him de tasizzing dat er it him en syn neiteam yn besit jaan soe – en dat wylst er doe noch gjin bern hie. ⁶ En God sei dit tsjin Abraham: "Dyn neikommelingen sille as frjemden wenje yn in oar lân. Dêr sille de lju har as slaven hâlde en mishannelje, fjouwerhûndert jier lang. ⁷ Mar oer it folk dat hja dan as slaven tsjinje, sil ik myn oardiel útsprekke," sei God, "en dêrnei sille se dêrwei gean en my ferearje op dit stee." ⁸ En hy sleat mei him it bûn fan 'e besnijenis. Sadwaande hat Abraham Izaäk krige en him acht dagen letter besnien en Izaäk die itselde mei Jakob en Jakob mei de tolve aartsfaars.

⁹ De aartsfaars wiene jaloersk op Joazef en ferkochten him nei Egypte, mar God wie by him ¹⁰ en helle him út al syn benearing wei en hy liet him yn 'e geunst komme by de farao, de kening fan Egypte, en joech him wysheid, dat de farao stelde him oan as bestjoerder oer Egypte en oer syn hiele hofhâlding. ¹¹ En der kaam in hongersneed oer hiele Egypte en Kanaän, dy't gâns lijen meibrocht, dat ús foarfaars koene net oan iten komme. ¹² Doe't Jakob fernaam dat der yn Egypte al nôt wie, stjoerde er ús foarfaars dêr de earste kear hinne. ¹³ De twadde kear waard Joazef oan syn broers bekend makke; sa rekke de farao op 'e hichte fan Joazef syn komôf. ¹⁴ Joazef liet doe syn heit Jakob oer komme mei syn hiele famylje, mei-inoar fiifensantich minsken. ¹⁵ Sa kaam Jakob yn Egypte telâne en dêr is er stoarn, en ús foarfaars ek. ¹⁶ Se waarden nei Sichem oerbrocht en dêr byset yn it grêf dat Abraham foar sulver kocht hie fan 'e Hemoriten te Sichem.

¹⁷ Doe't de tiid fan Gods tasizzing oan Abraham tichterby kaam, wreide it folk him út, it waard grutter en grutter yn Egypte, ¹⁸ oant in oare kening it foar it sizzen krige, ien dy't Joazef net kend

hie. ¹⁹ Slûchslim kaam er ús folk tenei, mei't er ús foarfaars twong om har lytse poppen te fûnling te lizzen, dat se it libben net hâlde soene. ²⁰ Yn dy tiid waard Moazes berne. Hy stie God wakker oan. Trije moanne lang waard er thús fersoarge, ²¹ en doe't er te fûnling lein waard, naam de dochter fan 'e farao him mei en brocht him grut as in soan foar harsels ²² en Moazes krige les yn alle Egyptyske kennis. Hy wie in machtich man yn wurd en died.

²³ Hy wie fjirtich, doe't it yn him opkaam om nei de Israeliten, syn eigen folk om te sjen. ²⁴ Hy seach ris hoe't ien fan har mishannele waard. Hy skeat derop ta en sloech út wraak foar de stumper de Egyptner dea. ²⁵ Hy tocht dat syn folksgenoaten wol begripe soene dat God har troch syn ynset frijmeitsje woe, mar sa wie it net. ²⁶ Doe't se him de oare deis seagen wylst se mei-inoar fochten, en hy woe se ophâlde litte mei de wurden: "Mannen, jimme binne dochs bruorren? Wêrom dogge jimme inoar kwea?" ²⁷ Mar dy't de oare mishannele, treau him fuort en sei: "Wa hat dy as lieder en rjochter oer ús oansteld?" ²⁸ Of woest my soms ek deaslaan, sa'tst juster dy Egyptner deaslein hast?" ²⁹ Doe't Moazes dat hearde, naam er de wyk en libbe er as frjemdling yn Midjan, dêr't er twa soannen krige.

³⁰ Doe't der fjirtich jier om wiene, ferskynde him yn de woestyn by de berch Sina in ingel yn it fjoer fan in brânende toarnestrûk. ³¹ Moazes fernuvere him oer wat er seach. Mar doe't er derhinne gie om it fan tichteby te besjen, klonk in gelûd fan de Hear: ³² "Ik bin de God fan dyn foarfaars, de God fan Abraham, Izaäk en Jakob." Triljend fan skrik doarst Moazes der net nei te sjen. ³³ De Hear sei tsjin him: "Doch de sandalen út, want it plak dêr'tst op stiest, is hillige grûn. ³⁴ Ik haw wier wol sjoen hoe't myn folk yn Egypte mishannele wurdt en hoe't se dêrûnder suchtsje, haw ik wol heard. Ik bin delkommen om har frij te meitsjen. Kom, ik stjoer dy nei Egypte."

³⁵ Dy Moazes, dy't syn folksgenoaten ôfwiisd hiene mei de wurden: "Wa hat dy as lieder en rjochter oer ús oansteld?", dy hat God as lieder en befrijer nei har ta stjoerd troch de ingel dy't oan him ferskynde yn 'e toarnestrûk. ³⁶ Dy Moazes hat har dêrwei helle, mei grutte wûnders en tekens yn Egypte, by de Reade See en yn 'e woestyn, fjirtich jier lang. ³⁷ Dy Moazes hat tsjin 'e Israeliten sein: "God sil yn jimme fermidden in profet lykas my pleatse." ³⁸ Hy is, doe't it folk yn 'e woestyn wie, by de ingel kommen dy't op 'e berch Sinaï tsjin him spruts en by ús foarfaars, en hy hat libbenswurden ûntfongen om dy oan ús te jaan. ³⁹ Us foarâlden woene net nei him harkje, mar se setten him as lieder ôf en soene werom nei Egypte. ⁴⁰ Se seine tsjin Aäron: "Meitsje goaden foar ús dy't foar ús útgeane, want dy Moazes dy't ús út Egypte wei fierd hat, wy witte der neat fan wat der mei him bard is." ⁴¹ Se giene oan it kealmeitsjen yn dy tiid en se offeren oan it byld en se wiene wakkere bliid mei wat se eigenhandich makke hiene. ⁴² Mar God kearde him fan har ôf en liet har gewurde yn it tsjinjen fan 'e stjerren en machten oan 'e himel, lykas it stiet yn it boek fan 'e profeten: "Hawwe jimme my oait bisten offere en brânoffers brocht, dy fjirtich jier yn 'e woestyn, folk fan Israel?" ⁴³ Nee, jimme hawwe de tinte fan Moloch meitôge en de stjer fan 'e god Refan, de bylden dy't jimme makke hawwe om te oanbidden. Mar ik sil jimme fuortfiere, noch fierder as Babylon."

⁴⁴ Us foarâlden hiene yn 'e woestyn de tinte fan it ferbûn by har, neffens de opdracht fan him dy't mei Moazes praat hie, neffens it foarbyld dat him foar eagen stie. ⁴⁵ Dy waard ek trochjûn en ús foarâlden namen him mei yn 'e tiid fan Joazua, doe't se it lân fan 'e heidenfolken yn besit krigen, dy't God foar ús foarfaars út jage. Sa bleau it oan 'e tiid fan David. ⁴⁶ David wûn Gods geunst en frege om in hillichdom foar it folk fan Jakob. ⁴⁷ Mar it wie Salomo dy't foar God in timpel boude. ⁴⁸ Lykwols wennet de Alderheechste net yn dingen dy't troch minskehannen boud binne, lykas de profet al seit: ⁴⁹ "De himel is myn troan, de ierde myn fuotbank. Hoe soene jimme dan in hûs foar my bouwe kinne," seit de Hear, "of in plak dat ik my deljaan kin?" ⁵⁰ Haw ik dit allegearre net eigenhandich makke?" ⁵¹ Jimme stiifkoppen, mei jimme ûnbesniene herten en

earen, jimme binne it dy't it altyd weroan tsjin 'e hillige Geast yn 'e kant sette, jimme krekt as jimme foarfaars. ⁵² Hokker profeet is net ferfolge troch jimme foarfaars? Dy't de komst fan de Rjochtfearde oankundigen, hawwe se om it libben brocht en sels hawwe jimme him no ferret en fermoarde, ⁵³ jimme dy't op oanwizing fan ingels de wet ûntfongen hawwe, mar der net nei libbe hawwe.'

⁵⁴ Doe't se dat hearden, wiene se ynwindich poerrazend en se sieten tsjin him te knarstoskjen. ⁵⁵ Mar mei't hy alhiel ûnder it beslach fan hillige geast wie stoarre er nei de himel en seach er de gloarje fan God en fan Jezus, dy't oan Gods rjochterhân stie. ⁵⁶ Hy sei: 'Moatte jimme sjen, ik sjoch de himel iepen en ik sjoch de minskes oan 'e rjochterhân fan God stean. ⁵⁷ Se huilden deroer en holden de hannen foar de earen en stoarmen as ien man op him ta ⁵⁸ en skuorden him ta de stêd út. Doe hawwe se him mei stiennen deasmiten. En de tsjûgen diene de boppeklean út en leine dy by in jongeman del om derop te passen. Dy hiet Saulus. ⁵⁹ Sa smieten se Stefanus dea mei stiennen. Dy bea lûdop: 'Hear Jezus, nim myn geast oan.' ⁶⁰ Hy sakke op knibbels en rôp lûd: 'Hear, rekkenje har dizze sûnde net ta.' Mei dy wurden ferstoar er.

8¹ Saulus fûn it wakker in goed ding dat er deamakke waard.

Dyselde deis noch begûnen se de gemeente fan Jeruzalem swier te ferfolgjen, dat allegearre rekken se ferstruid oer it plattelân fan Judeä en Samaria, útsein de apostels. ² In pear fromme manlju begroeven Stefanus en rouklagen lûd oer him. ³ Mar Saulus besocht de gemeente út te rûgjen. Hy gie it iene hûs nei it oare yn en sleepte manlju en froulju mei en liet har dan yn 'e finzenis smite. ⁴ De lju dy't fersille rekken, bedarren rûnom en ferkundigen dêrby it evangeelje. ⁵ Sa gie Filippus nei in stêd yn Samaria en dêr ferkundige er de Kristus oan 'e minsken. ⁶ As ien man harke it folk nei wat Filippus sei, doe't se him hearden en de wûnders seagen dy't er die. ⁷ Want gâns minsken waarden fan kweade geasten frijmakke, dy't har ûnder lûd roppen en razen ferlieten. Der binne doe ek gâns lammen en kreupelen better makke. ⁸ Sa ûntstie der grutte blydskip yn dy stêd.

⁹ Yn dy stêd wie earder al in man dy't Simon hiet. Dy die oan tsoenderij en liet de befolking fan Samaria fersteld stean. Hy sei fan himsels dat er in grut man wie ¹⁰ en elkenien, fan heech ta leech, rûn efter him oan. Se seine: 'Hy is it dy't de grutte krêft fan God neamd wurdt.' ¹¹ En se rûnen efter him oan om't er har al in moai skoft fan it sintrum hie mei syn tsoenderijen. ¹² Lykwols, doe't Filippus har it keningskip fan God en de namme fan Jezus Kristus ferkundige, begûnen se him te leauwen. Doe lieten se har dope, manlju en froulju beide. ¹³ Simon begûn sels ek te leauwen en nei't er doopt wie, wie er net mear by Filippus wei te slaan; hy seach de tekens en machtige wûnders dy't der barden en stie fersteld.

v 14 Doe't de apostels yn Jeruzalem hearden dat Samaria yn it besit wie fan it wurd fan God, stjoerden se Petrus en Johannes nei har ta. ¹⁵ Doe't dy dêr oankommen wiene, beaen se dat de Samaritanen de hillige Geast ûntfange soene, ¹⁶ want dy hie him noch oer net ien fan har baas makke; der wiene inkeld minsken mei de doop yn 'e namme fan 'e Hear Jezus. ¹⁷ Doe begûnen se de minsken de hannen op te lizzen, en dy ûntfongen dan hillige geast. ¹⁸ Doe't Simon seach dat troch it hânoplizzen fan 'e apostels de Geast jûn wurdt, kaam er by Petrus en Johannes mei jild oansetten ¹⁹ en sei: 'Jou my dy macht ek, dat elkenien dy't ik de hannen oplis, hillige geast begjint te ûntfangen.' ²⁰ Mar Petrus sei tsjin him: 'Gean de ûndergong temjitte, do mei dyn sinten, te mienen datsto it gesink fan God keapje silst foar jild. ²¹ Do kinst part noch diel oan dizze saak hawwe, want do stiest net oprjocht foar God oer. ²² Kom werom fan dyn ferkeardens en bid ta de Hear oft dyn foarnimmen faaks ferjûn wurde kin, ²³ want ik sjoch dat it mei dy op bittere galle en op betizing yn it kwea ta giet.' ²⁴ Doe sei Simon: 'Bid jimme foar my ta de Hear, dat my net oerkomme sil wat jimme útsprutsen hawwe.'

²⁵ Doe't Petrus en Johannes rûnom tsjûge hiene en it wurd fan God ferkundige hiene, giene se wer nei Jeruzalem ta; ûnderweis brochten se yn hiel wat Samaritaanske doarpen it evangeelje.

²⁶ Mar in ingel fan de Hear sei tsjin Filippus: 'Oerein do! Moatst nei it suden ta gean oer de wei dy't fan Jeruzalem nei Gaza rint. It is dêr iensum.'²⁷ Filippus kaam oerein en gie op reis. Dêr kaam er in Etiopiër tsjin, in eunuch, in hege amtner fan de kandakê, de keninginne fan Etiopië, dy't de noed hie oer al har rykdom. Dy hie nei Jeruzalem west om God te oanbidden²⁸ en no, op 'e weromreis, siet er yn syn wein de profeet Jesaja te lêzen.²⁹ De Geast sei tsjin Filippus: 'Gean dêrhinne en bliuw deun by dy wein.'³⁰ Hastich rûn Filippus derhinne en hearde him út 'e profeet Jesaja lêzen. Doe sei er: 'Begripe jo eins wol wat jo lêze?'³¹ De Etiopiër antwurde: 'Hoe soe ik dat no kinne as der net ien is dy't my paadwiis meitsje sil?' en hy liet Filippus ynstappe en by him sitten gean.³² Dit wie it bibelpart dat er lies:

As in skiep waard er nei de slacht brocht,
en as in eike dat swijt foar de skearder,
sa docht er de mûle net iepen.

³³ Hy waard fernedere en him is it rjocht ûntholden,
wa sil it noch oer syn neiteam ha?

Want syn libben wurdt fan dizze ierde weinommen.

³⁴ Dêrop sei de eunuch tsjin Filippus: 'No freegje ik jo, oer wa hat de profeet it hjir? Oer himsels of oer in oar?'³⁵ Doe sette Filippus út ein en begûn him, útgeande fan dy tekst, te fertellen oer it evangeelje fan Jezus.³⁶ Al ridendewei kamen se by in wetter. Dêrmei sei de eunuch: 'Sjoch, wetter! Wat is derop tsjin dat ik doopt wurd?'³⁸ Hy liet de wein stilhâlde en tegearre rûnen se it wetter yn, Filippus en de eunuch, en hy doopte him.³⁹ Doe't se út it wetter kamen, griep in geast fan 'e Hear Filippus en naam him mei, en de eunuch hat him net wer sjoen, want hy reizge optein fierder.⁴⁰ Mar Filippus kaam yn Asdod telâne; en wylst er troch dat gebiet gie, ferkundige er yn alle stêden it evangeelje, oant er yn Caesarea kaam.

⁹ Underwilens bedrige Saulus de learlingen fan 'e Hear noch hieltyd mei ferfolging en moardzjen. Hy gie nei de hegepryster² en frege him om him brieven mei te jaan foar de synagogen yn Damaskus, dat er, as er dêr minsken fan de nije wei tsjinkomme mocht, manlju en froulju likegoed, dy yn boeiens meinimme mocht nei Jeruzalem ta.³ Goed en wol ûnderweis kaam er op in gegeven stuit tichtby Damaskus, en doe omstriele him ynienen in ljocht út 'e himel.⁴ Hy foel op 'e grûn en hearde in stim dy't tsjin him sei: 'Saul, Saul, wêrom sitsto sa efter my oan?'⁵ Hy sei: 'Wa binne jo, Hear?' De stim sei: 'Ik bin Jezus, dêr'tsto efteroan sitst.'⁶ Mar kom oerein en gean de stêd yn, en dêr sil dy sein wurde watst dwaan moatst.'⁷ De manlju dy't mei him reizgen, stiene der sprakeleas by. Se hearden de stim wol, mar seagen hielendal gjinien.⁸ Saulus waard oerein holpen, mar doe't er de eagen wer iepen hie, koe er neat sjen. Se namen him by de hân en brochten him yn Damaskus.⁹ Trije dagen koe er neat sjen, en hy iet noch dronk neat.

¹⁰ No wie der yn Damaskus in learling dy't Ananias hiet. Yn in fizjoen sei de Hear tsjin him: 'Ananias!' en hy antwurde: 'Hjir bin ik, Hear.'¹¹ Doe sei de Hear tsjin him: 'Kom derôf en gean nei de saneamde Rjochte Strjitte en freegje yn it hûs fan Judas nei in man dy't Saulus hjit, fan Tarsus. Want sjoch, dy is oan it bidden¹² en hat krekt yn in fizjoen in man deryn kommen sjoen dy't Ananias hjit en dy't him de hannen opleit, dat er wer sjen kin.'¹³ Mar Ananias antwurde: 'Hear, fan ferskate kanten haw ik fan dizze man heard wat er jo hilligen yn Jeruzalem wol net oandien hat.¹⁴ En no hat er fan 'e hegeprysters folmacht om hjir alle minsken dy't jo namme oanroppe op te pakken.'¹⁵ Mar de Hear sei tsjin him: 'Gean no mar, want hy is it ark dat ik útsocht haw om myn namme te ferkundigjen by folken en machthawwers en by de Israeliten.'¹⁶ Ik

sil him noch wol sjen litte hoefolle oft er lije moat om myn namme.’¹⁷ Ananias sette fuort en gie dat hûs yn en wylst er him de hannen oplei, sei er: ‘Saulus, broer, de Hear is myn opdrachtjouwer, Jezus dy’t dy ûnderweis hjirhinne ferskynd is. Hy wol datst wer sjen kinst en ûnder beslach komst fan hillige geast.’¹⁸ En fuortendaliks wie it as foelen him de skilen fan de eagen; hy koe wer sjen, kaam oerein en liet him dope.¹⁹ Hy naam wat iten en waard wer sterker.

Hy wie noch mar in deimannich by de learlingen yn Damaskus²⁰ en fuortendaliks begûn er yn ’e synagogen Jezus te ferkundigjen, dat dy de Soan fan God is.²¹ Elk dy’t dat hearde koe der net oer út, se seine: ‘Is dat net de man dy’t yn Jeruzalem de minsken útrûge dy’t dy namme oanrôpen? Hy wie hjir dochs hinne om har yn boeiens mei te nimmen nei de hegeprysters?’

²² Mar Saulus wûn hieltyd oan yn krêft en brocht de Joaden yn Damaskus fan ’e wize mei’t er dúdlik makke: Hy is de messias.²³ Doe’t dat in moai skoft mar sa trochgie, waarden de Joaden it me-iinoar iens om him te deadzjen,²⁴ mar Saulus rekke fan dat plan op ’e hichte. Se holden ek dei en nacht de wacht by de stedspoarten om him deadzje te kinnen.²⁵ Mar de learlingen namen him op in nacht mei en lieten him út ’e stedsmuorre wei yn in koer nei ûnderen sakje.

²⁶ Werom yn Jeruzalem besocht er om him oan te sluten by de learlingen, en dy wiene allegearre bang fan him omdat se net leauwe woene dat hy ek in learling wie.²⁷ Mar Barnabas naam him by him yn en brocht him by de apostels. Hy fertelde har hoe’t er ûnderweis de Hear sjoen hie en wat dy tsjin him sein hie en hoe’t er yn Damaskus ûnbefongen sprutsen hie yn ’e namme fan Jezus.²⁸ Hy gie mei de apostels Jeruzalem yn en út en spruts frijmoedich yn ’e namme fan ’e Hear.²⁹ Hy prate en gie ek yn debat mei de Gryksktalige Joaden, mar dy besochten om him te deadzjen.³⁰ Doe’t de bruorren dat yn ’e rekken krigen, brochten se him nei Caesarea en stjoerden him dêrwei nei Tarsus.

³¹ Oeral yn Judeä, Galileä en Samaria wie it foar de gemeente in tiid fan frede en opgong. De leauwigen libben yn ûntsach foar de Hear en troch de help fan de hillige Geast wreide har tal him hieltyd mear út.³² Petrus, dy’t it hiele lân trochreizge, kaam in kear by de hilligen yn Lydda.³³ Dêr moete er in man dy’t Eneäs hiet en al acht jier op bêd lei. De man wie lam.³⁴ Petrus sei tsjin him: ‘Eneäs, Jezus Kristus makket dy better. Kom derôf en meitsje sels dyn bêd op.’ Fuortendaliks kaam er derôf.³⁵ Alle ynwenners fan Lydda en fan ’e Saronflakte seagen him, en dy bekearden har ta de Hear.

³⁶ Yn Joppe wenne in learlinge dy’t Tabita hiet, dat is yn ús taal Dorkas. Hja wie alhiel besteld mei goede dieden en jeften dy’t se die.³⁷ Krekt yn dy tiid waard se siik en rekke se wei. Se wosken har en bieren har op yn in boppekeamer.³⁸ Lydda leit tichteby Joppe, dat doe’t de learlingen hearden dat Petrus dêr wie, stjoerden se twa manlju nei him ta mei it fersyk: ‘Kom sa gau mooglik nei ús ta.’³⁹ Petrus makke him ree en kaam mei har. Doe’t er oankommen wie, namen se him mei nei de boppekeamer en alle widdofroulju kamen om him hinne te stean. Se skriemden en lieten him de mantels en de klean sjen dy’t Dorkas allegearre makke hie, doe’t se noch libbe.⁴⁰ Petrus stjoerde se der allegearre út en gie op knibbels, die in gebed en draaide him nei it lichem en sei: ‘Tabita, kom oerein!’ Hja sloech de eagen op en doe’t se Petrus seach, gie se rjochtop sitten.⁴¹ Hy krige har by de hân en holp har oerein. Doe rôp er de hilligen en de widdowen en sette har libben en wol yn har fermidden.⁴² It waard rûnom bekend yn Joppe en gâns minsken kamen ta it leauwe yn ’e Hear.

⁴³ It kaam sa út dat Petrus noch in skoft yn Joppe bleau, by Simon, in learloaier.

¹⁰¹ En in man yn Caesarea dy’t Cornelius hiet, in offisier yn it saneamde Italiaanske kohort,² in from man, dy’t mei syn hiele húshâlding God fereare, rij yn it dwaan fan jeften oan it folk en oanhâldend biddend ta God,³ dy seach dúdlik yn in fizjoen, om de njoggende oere hinne, in ingel fan God by him yn ’e hûs kommen, dy’t tsjin him sei: ‘Cornelius!’⁴ Hy stoarre de ingel oan en

waard bang en sei: ‘Wat is der, Hear?’ De ingel sei tsjin him: ‘Dyn gebeden en dyn goede jeften binne opstiidg nei God en se binne achtslein.’⁵ Dat sadwaande, stjoer in pear man nei Joppe ta en lit dy in Simon ophelje dy’t ek wol Petrus neamd wurdt.⁶ Hy útfanhuzet dêr by in Simon de learloaier, dy’t in hûs oan see hat.’⁷ Doe’t de ingel dy’t him tasprutsen hie, wer fuort gie, rôp er twa fan syn feinten en in fromme soldaat dy’t ûnder him foel.⁸ Hy fertelde har alles en stjoerde se nei Joppe.

⁹ De oare deis, doe’t dy mannen ûnderweis wiene en al aardich ticht by de stêd, gie Petrus om ’e sechsde oere hinne nei it plat dak fan it hûs om dêr te bidden.¹⁰ Hy waard hongerich en krige sin oan wat. Wylst se wat klearmakken, rekke hy bûten witten.¹¹ Dêr seach er de himel iepen en in ding nei ûnderen kommen dat wol wat wei hie fan in grut linnens lekken, dat oan ’e fjouwer hoeken nei de ierde omleech litten waard.¹² Dêr sieten alle rinnende en krûpende bisten fan ’e ierde yn en ek fleanende fûgels.¹³ Hy hearde in stim: ‘Oerein, Petrus, slachtsje en ite.’¹⁴ Mar Petrus sei: ‘Ut noch yn net, Hear, want ik haw noch net ien kear wat iten dat ûnhillich en ûnrein is.’¹⁵ En wer klonk der in stim, foar de twadde kear: ‘Wat God rein ferklearre hat, meisto no net ûnhillich meitsje.’¹⁶ Dat barde noch in tredde kear en fuort dêrnei waard it ding wer oplutsen de himel yn.¹⁷ Wylst Petrus der yn himsels mei oan wie wat dat fizjoen dat er sjoen hie, ynhold, kamen de mannen mei boadskip fan Cornelius, dy’t frege hiene nei it hûs fan Simon, krekt oan ’e bûtendoar.¹⁸ Se rôpen en fregen oft Simon, dy’t ek wol Petrus neamd waard, dêr útfanhuze.¹⁹ En wylst Petrus noch mei it fizjoen ompakte, sei de Geast tsjin him: ‘Dêr binne trije mannen om dy.’²⁰ Toe, nei ûnderen en dan moatst mei har gean sûnder fragen te stellen, want ik bin har stjoerder.’²¹ Petrus gie nei ûnderen en sei tsjin ’e manlju: ‘Ik bin de man dêr’t jimme om sykje. Wat bringt jimme hjir?’²² Hja antwurden: ‘Cornelius, in offisier, in rjochtfeardich man dy’t ûntsach hat foar God en heech yn achting stiet by it hiele Joadske folk, hat fan in hillige ingel de opdracht krige om jo by him thús komme te litten en te hearren wat jo te sizzen hawwe.’²³ Dat Petrus nûge de mannen deryn en liet se dêr útfanhúzje.

De oare deis kaam er derôf en sette er mei har fuort en guon fan ’e bruorren út Joppe giene ek mei.

In dei letter kamen se yn Caesarea oan. Cornelius stie al op har te wachtsjen en hie syn famylje en neiste freonen derby roppen.²⁵ Doe’t Petrus deryn soe, kaam Cornelius him temjitte, foel foar him op knibbels en bewiisde him hulde.²⁶ Mar Petrus luts him oerein en sei: ‘Oerein! Ik bin ommers ek mar in minske.’²⁷ Wylst er sa mei Cornelius prate, gie er yn ’e hûs. En dêr trof er gâns minsken byinoar²⁸ en dy sei er: ‘Jimme witte wol dat Joaden net mei net-Joaden omgean meie of by har oer de flier komme, mar God hat my dúdlik makke dat ik gjin minske as ûnhillich of ûnrein beskôgje mei.’²⁹ Sadwaande bin ik ek sûnder tsjinpraten kommen doe’t jimme my komme lieten. No is myn fraach: wêrom hawwe jimme my komme litten?’³⁰ Cornelius sei: ‘Trije dagen lyn, om distiid hinne, die ik thús myn middeisgebed en ynienen stie der in man foar my yn blinkende kleen.’³¹ Dy sei: ‘Cornelius, dyn bidden is ferheard en dyn goede jeften hawwe by God omtinken krige.’³² Stjoer dêrom guon nei Joppe om Simon, dy’t ek wol Petrus neamd wurdt, komme te litten. Dy útfanhuzet by in Simon de learloaier yn in hûs by de see.’³³ Fuortendaliks haw ik doe guon nei jo ta stjoerd en jo hawwe der goed oan dien te kommen. No dan, wy allegearre binne hjir foar Gods antlit byinoar om alles te hearren wat jo as opdracht fan ’e Hear hawwe.’

³⁴ Doe naam Petrus it wurd en sei: ‘No wurdt it my pas goed dúdlik dat God gjin ûnderskied makket tusken minsken,’³⁵ mar dat er ûnder alle folken ien dy’t ûntsach foar him hat en docht wat rjocht is, mei wolbehagen oansjocht.³⁶ Syn wurd hat er oan de Israeliten stjoerd, wylst er frede ferkundiget troch Jezus Kristus. Hy is de Hear fan alle minsken.³⁷ Mar jimme, jimme witte wat

der bard is it hiele Joadske lân troch, earst yn Galileä: hoe't God, nei de doop dêr't Johannes de minsken ta oprôp, ³⁸ Jezus fan Nazaret salve hat mei hillige geast en mei krêft. Dy gie troch it lân wylst er goeddie en alle minsken wer better makke dy't de duvel yn syn macht krige hie, want God stie him by. ³⁹ En wy binne tsjûgen fan alles wat er dien hat yn it Joadske lân en ek yn Jeruzalem. Se hawwe him ek deade troch him oan 'e krúsbalke te hingjen, ⁴⁰ mar God hat him de tredde deis út 'e dea weromroppen en him de macht jûn om him sjen te litten, ⁴¹ net oan it hiele folk, mar oan 'e tsjûgen dy't God útkeazen hie, oan ús, dy't mei him iten en dronken hawwe nei't er út 'e dea ferriisd wie. ⁴² En hy hat ús opdroegen om oan it folk te ferkundigjen en derfan te tsjûgjen dat hy de fan God oanstelde rjochter is oer libbenen en deaden. ⁴³ Fan him tsjûgje alle profeten dat elkenien dy't yn him leaut yn syn namme ferjouwing fan sûnden kriget.' ⁴⁴ Wylst Petrus it noch oer dy dingen hie, kaam de hillige Geast oer elkenien dy't nei syn taspraak harke. ⁴⁵ De Joadske leauwigen dy't dêr mei Petrus kommen wiene, stiene fersteld dat de jefte fan 'e hillige Geast ek net-Joaden meinaam, ⁴⁶ want se hearden har yn ûnbegryplike talen praten en God ferhearlikjen. Doe sei Petrus dêroer: 'Kin ien dizze minsken dy't lykas ús de hillige Geast ûntfongen hawwe, no it wetter wegerje, dat se doopt wurde?' ⁴⁷ En hy joech opdracht om har te dopen yn 'e namme fan Jezus Kristus. Doe stiene se der by him op oan om noch in deimannich by har te bliuwen.

11¹ De apostels en de gemeenteleden yn Judeä fernamen dat ek net-Joaden it wurd fan God krige hiene. ² Doe't Petrus wer nei Jeruzalem ta gie, woene de Joadske leauwigen dat mei him beprate. Se seine: 'Jo binne by ûnbesniene manlju yn 'e hûs gien en jo hawwe mei har iten.' ⁴ Mar Petrus begûn en lei it har stap foar stap út. Hy sei: ⁵ 'Ik wie yn 'e stêd Joppe oan it bidden. Doe rekke ik bûten mysels en krige ik in fizjoen: in ding dat wol wat wei hie fan in grut lekken dat nei ûnderen kaam, oan 'e fjouwer hoeken út 'e himel wei dellitten, en dat kaam op my ta. ⁶ Ik dikere der mei omtinken yn en doe seach ik de bisten op fjouwer poaten en de bisten dy't yn it wyld libje en de krûpende bisten en de fleanende fûgels. ⁷ En ik hearde ek in stim dy't tsjin my sei: "Oerein, Petrus, slachtsje en ite!" ⁸ Mar ik sei: "Ut noch yn net, Hear, want wat ûnhilichs of ûnreins haw ik noch nea hân." ⁹ Mar doe kaam der foar de twadde kear in stim út 'e himel: "Wat God rein ferklearre hat, meisto net ûnhilich meitsje." ¹⁰ Dat barde noch in tredde kear en alles waard wer omheech lutsen de himel yn. ¹¹ En sje dêr, krekt op dat stuit kamen der by it hûs dêr't wy wiene trije manlju, boaden foar my út Caesarea wei. ¹² De Geast sei tsjin my dat ik sûnder ûnderskied te meitsjen mei har gean moast. Dizze seis bruorren hawwe my beselskippe en mei-inoar binne wy by dy man yn 'e hûs gien. ¹³ Hy fernijde ús hoe't er ynienen in ingel yn syn hûs stean sjoen hie, dy't sei: "Stjoer guon nei Joppe en lit Simon ophelje dy't ek wol Petrus neamd wurdt. ¹⁴ Dy sil dy dingen fertelle, dêr'tsto mei dyn hiele húshâlding troch rêden wurde silst." ¹⁵ Ik wie noch mar amper oan it wurd, of de hillige Geast kaam oer har, krekt as oer ús yn it begjin. ¹⁶ Doe kaam my dy útspraak fan 'e Hear yn 't sin, dat er dan sei: "Johannes doopte mei wetter, mar jimme sille mei de hillige Geast doopt wurde." ¹⁷ As it no sa is dat God deselde jefte oan harren jûn hat as oan ús, omdat se it leauwe yn de Hear Jezus Kristus oannommen hawwe – hoe hie ik dan by steat west om God tsjin te hâlden?" ¹⁸ Doe't se dat hearden, hiene se der frede mei en ferhearliken se God mei de wurden: 'Dan hat God ek oan de net-Joaden de mooglikheid jûn om har te feroarjen en te libjen.' ¹⁹ De minsken dy't ferstruid rekke wiene troch de ferfolging fanwegen Stefanus, wiene oant yn Fenisië, Syprus en Antiochië bedarre, mar se ferkundigen Gods wurd inkeld oan de Joaden. ²⁰ In pear Syprioaten en Sireneeërs yn har fermidden sprutsen doe't se yn Antiochië kamen, lykwols ek de Gryksktaligen dêr oan en ferkundigen har it evangeelje fan de Hear Jezus. ²¹ De Hear stie har by en hiel wat minsken namen it leauwe oan en bekearden har ta de Hear. ²² It nijs oer har hannelwize berikte ek de gemeente yn Jeruzalem en dy stjoerde doe Barnabas nei

Antiochië. ²³ Doe't dy dêr oankaam en seach wat Gods genede ta stân brocht hie, waard er bliid en hy trune elkenien oan om wolberet de Hear trou te bliuwen. ²⁴ Want hy wie in treflik man, ûnder it beslach fan hillige geast en fan leauwe. En gâns minsken waarden ta de Hear brocht.

²⁵ Barnabas reizge ôf nei Tarsus om Saulus op te sykjen ²⁶ en doe't er him fûn hie, naam er him mei nei Antiochië. Dat sa kamen se dêr in hiel jier lang mei de gemeente gear en joegen se oan gâns minsken ûnderwiis en waarden yn Antiochië de learlingen foar it earst kristenen neamd.

²⁷ Yn dyselde tiid kamen der profeten út Jeruzalem nei Antiochië. ²⁸ Ien fan har, hy hiet Agabus, makke har troch de Geast dúdlik dat der oer de hiele wrâld in swiere hongersneed komme soe. Dy hat yndied plak fûn ûnder Claudius. ²⁹ De learlingen besleaten om de bruorren en susters yn Judea te stypjen, neffens wat elkenien misse koe. ³⁰ Dat diene se ek en se lieten har jeften troch Barnabas en Saulus nei de âldsten ta bringe.

¹² Yn dyselde snorje liet kening Heroades guon leden fan de gemeente oppakke en mishannelje. ² Jakobus, de broer fan Johannes, deade er mei it swurd. ³ Doe't er seach dat dat de Joaden wol nei 't sin wie, gie er noch fierder en liet ek Petrus oppakke. It wiene krekt de dagen fan 'e ûnsuorre breaën. ⁴ Nei syn oanhâlding liet er him opslute en betroude er him ta oan fjouwer ploegen fan elk fjouwer soldaten om de wacht oer him te hâlden, want hy wie fan doel om him nei it Peaskefeest yn it iepenbier te berjochtsjen.

⁵ Dat sa waard Petrus yn 'e finzenis bewekke; wilens bidde de gemeente ynmoedich foar him ta God. ⁶ Yn 'e nacht foardat Heroades him berjochtsje woe, lei Petrus, mei twa kettingen fêstmakke, tusken twa soldaten yn te sliepen, mei foar de doar fan 'e finzenis wachters dy't de wacht holden. ⁷ En sjoch, ynienen kaam der in ingel fan 'e Hear by him en de hiele romte waard ferljochte. De ingel stjitte Petrus yn 'e side om him wakker te meitsjen en sei: 'Oerein, gau!' Op itselde stuit foelen de kettingen him fan 'e polzen. ⁸ De ingel sei tsjin him: 'De riem om en de sandalen oan!' Dat die er. Doe sei de ingel: 'De mantel om en dan moastst efter my oan komme'. ⁹ En Petrus gie derút en sa rûn er efter de ingel oan en hie net yn 'e gaten dat it werklikheid wie wat der troch de ingel allegearre barde. Hy tocht dat it in fizjoen wie. ¹⁰ Se giene by de earste en by de twadde wachtpost lâns en kamen doe by de izeren poarte, dy't op 'e stêd útkaam. Dy gie fansels foar har iepen. Se giene nei bûten en rûnen noch ien strjitte fierder, doe ferdwûn de ingel samar. ¹¹ Petrus kaam wer ta himsels en sei: 'No bin ik der wis fan dat de Hear syn ingel stjoerd hat, dat ik net yn 'e macht fan Heroades bedarje soe en wat it Joadske folk dêr ek mar fan ferwachte'. ¹² Doe't er dat ien kear foar it ferstân hie, gie er nei it hûs fan Maria, de mem fan Johannes dy't se ek wol Marcus neamden. Dêr wiene hiel wat minsken byinoar en oan it bidden. ¹³ Nei't er op 'e doar fan it foarportaal kloppe hie, kaam der in tsjinstfamke oan dat Rodê hiet, ¹⁴ mar doe't se it lûd fan Petrus hearde, die se fan klearebare blidens de doar net iepen, mar fleach se it hûs wer yn om te fertellen dat Petrus foar de poarte stie. ¹⁵ 'Do bist net wiis,' seine se tsjin har. Mar se hold fol dat it echt sa wie, mar hja woene hawwe: 'It is syn ingel'. ¹⁶ Wilens kloppe Petrus mar troch. Doe't se dan iepen diene, seagen se him en rekken se oeral. ¹⁷ Hy joech har in teken mei de hân om se stil te krijen en lei har út hoe't de Hear him út 'e finzenis frij makke hie. En hy sei: 'Jou dit ek troch oan Jakobus en de oare bruorren.' Dêrnei gie er fuort en reizge er nei in oar plak ta.

¹⁸ Doe't it dei waard, wie der gâns opskuor ûnder de soldaten, want wat koe der mei Petrus bard wêze? ¹⁹ Heroades liet om 'e nocht om him sykje en nei't er de wachters ûnderfrege hie, liet er dy om hals bringe. Dêrnei gie er út Judea wei en hold er in skoft yn Caesarea ta. ²⁰ Heroades wie lilik op 'e ynweners fan Tirus en Sidon. Dy hiene ien mienskiplike ôffurdiging derop útstjoerd. Dy koe Blastus, de keamerhear fan de kening, oan har kant krije en sa fregen se om in

fermoedsoening, want har gebiet wie, om genôch iten te krijen, ôfhinklik fan dat fan Heroades.

²¹ Op 'e fêststelde dei gie Heroades yn syn keninklike pronk op 'e rjochterstoel sitten en spriek har ta. ²² En de fertsjintwurdiging rôp him ta: 'Dit is de stim fan in god, net fan in minske!' ²³ En op itselde stuit sloech in ingel fan de Hear Heroades del, om't er God de eare net joech. Hy waard troch wjirmen oanfretten en stoar. ²⁴ Mar it wurd fan God wreide him út en fûn al mar oan mear gehoar.

²⁵ Barnabas en Saulus giene wer út Jeruzalem wei nei't se har stipe dêr oerbrocht hiene. Dêrby namen se Johannes mei de bynamme Markus mei.

¹³ Yn 'e gemeente fan Antiochië wiene in stikmannich leararen en profeten: Barnabas, Simon, dy't ek wol Niger neamd waard, Lucius de Sireneeër, Manaën, in jeugdfreon fan kening Heroades, en Saulus. ² Op in dei wiene se oan it fêstjen en holden se in gebedstsjinst foar de Hear. Doe sei de hillige Geast: 'Sûnderje Barnabas en Saulus ôf foar it wurk dat ik mei har foar haw.'

³ Doe lieten se har gean, nei fêstjen en gebed en hânoplizzen.

⁴ Dy beiden, útstjoerd troch de hillige Geast, kamen earst yn Seleusië, en dêrwei fearen se fierder nei Syprus. ⁵ Doe't se ien kear yn Salamis wiene, ferkundigen se dêr yn 'e Joadske synagogen it boadskip fan God. Johannes hiene se ek mei as helper. ⁶ Hielendal oan 'e oare kant fan it eilân, by Pafos, troffen se in Joadske tsjoender, in falske profet dy't Barjessus hiet. ⁷ Hy hearde by gûverneur Sergius Paulus, dat in ferstannich man wie. Dy liet Barnabas en Saulus by him komme, om't er mear witte woe oer it wurd fan God. ⁸ Mar de tsjoender Elumas, want sa hjit er yn in oare taal, siet har dwers en besocht de gûverneur fan it leauwe ôf te hâlden. ⁹ Saulus, ek wol Paulus, seach him strak yn 'e eagen en ûnder it beslach fan 'e hillige Geast ¹⁰ sei er: 'Do mei al dyn falske ferlakkerij, duvelsbern datste biste, fijân fan al wat rjochtfearnich is, hoe lang silst de rjochte wegen fan 'e Hear noch krom meitsje?' ¹¹ Tink derom, de hân fan de Hear sil dy no reitsje en wurdst blyn en silst it sinneljocht in skoft lang net mear sjen.' Fuortendaliks waard it poertsjuster om him hinne en op 'e taast moast er om minsken sykje dy't him by de hân krije koene om him te lieden. ¹² Doe't de gûverneur seach wat it gefal wie, kaam er ta it leauwe, ûnder de yndruk fan 'e lear fan 'e Hear. ¹³ Paulus-en-dy giene út Pafos nei Pergê yn Pamfilië, mar Johannes naam ôfskied fan har en gie werom nei Jeruzalem. ¹⁴ De oaren reizgen fan Pergê fierder en kamen yn Antiochië yn Pisidië. Op 'e sabbat giene se dêr nei de synagoge en namen plak. ¹⁵ Nei it lêzen út 'e wet en de profeten stjoerden de liederen fan 'e synagoge ien nei har ta mei de fraach: 'Bruorren, as jimme in bemoedigjend wurd foar de gemeente hawwe, dan graach.'

¹⁶ Paulus gie stean, joech in teken mei de hân en sei: 'Israeliten en alle oaren dy't God ferearje, harkje. ¹⁷ De God fan dit folk, Israel, hat ús foarâlden útkard; hy hat har grut makke doe't se frjemdingen wiene yn Egypte en mei syn machtige hân hat er har dêrwei helle. ¹⁸ Sa'n fjirtich jier lang hat er har meneuvels yn 'e woestyn ferneare moatten. ¹⁹ Yn Kanaän ferneatige er sân folken en dy har lân joech er har as erflik besit. ²⁰ Dat hat om ende by fjouwerhûndertfyftich jier duorre. Dêrnei joech er rjochters, oan 'e tiid fan de profet Samuël ta. ²¹ Doe begûnen se om in kening te freegjen en hy joech har Saul, de soan fan Kis, út 'e stam fan Benjamin, fjirtich jier. ²² Nei't er dy ôfset hie, rôp er David as kening oer har, fan wa't er tsjûge: "Ik haw David, de soan fan Isaï, fûn, in man nei myn hert, dy't alles dwaan sil wat ik wol." ²³ Ut dy syn neiteam hat God, lykas er tasein hie, in rêder fuortbrocht, Jezus. ²⁴ Ear't hy kaam hie Johannes it hiele folk Israel al opropfen om har dope te litten en har te bekearen. ²⁵ Doe't Johannes hast op 'e ein fan 'e eker wie, wie syn boadskip: 'Wa tinke jimme dat ik wol net bin? Ik bin it net! Mar tink derom, der komt ien nei my en ik bin net iens goed genôch om de sandalen dy't er oan hat los te meitsjen.'

²⁶ Bruorren en susters, neiteam fan Abraham en alle oaren yn jimme fermidden dy't God ferearje, oan ús is dit befrijende wurd taskikt. ²⁷ De ynwenners fan Jeruzalem en har liederen

hawwe net ynsjoen dat hy it wie en se hawwe de wurden fan 'e profeten dy't alle sabbatten foarlêzen wurde útkomme litten troch him te feroardieljen. ²⁸ Al koene se gjin inkelde rjochtsgrûn fine foar de deastraf, se fregen Pilatus om him om te bringen. ²⁹ Doe't se alles folbrocht hiene wat der oer him yn 'e Bibel stiet, hellen se him fan 'e balke ôf en leine him yn in grêf. ³⁰ Mar God hat him weromroppen út 'e dea ³¹ en hiel wat dagen is er ferskynd oan deselden dy't mei him út Galileä nei Jeruzalem reizge wiene, en dat binne no syn tsjûgen by it folk. ³² En wy ferkundigje jimme dit goede nijs: de tasizzing oan ús foarfaars, ³³ dêr is God foar ús, har neiteam, de folbringer fan, want hy hat Jezus út 'e dea ferrize litten, sa't der ek yn 'e twadde psalm stiet: "Myn soan, dat bisto, ik bin it dy't dy hjoed it libben jout."

³⁴ Dat er him út 'e dea ferrize litten hat, om him net wer oan it bedjer oer te jaan, dêr jout er dit as útspraak oer: "Wat ik oan David plechtich tasein haw sil ik oan jimme wiermeitsje." ³⁵ Dêrom seit er op in oar plak: "Jo sille net tastean dat jo trouwe tsjinstfeint it bedjer sjocht." ³⁶ David hat yn syn tiid Gods wil dien, mar dêrnei is er stoarn en by syn foarfaars begroeven en hy hat it bedjer sjoen. ³⁷ Mar hy dy't God weromroppen hat, dy hat it bedjer net sjoen. ³⁸ Dat dit moat jimme goed foar eagen stean, bruorren en susters: troch him wurdt oan jimme de ferjouwing fan sûnden ferkundige; fan jimme allegearre, dy't op grûn fan 'e wet fan Moazes gjin frijspraak krije koene, ³⁹ wurdt elk troch him, op grûn fan it leauwe, frijsprutsen. ⁴⁰ Jimme moatte der dus goed om tinke dat jimme net oerkomt wat de profeten sein hawwe: ⁴¹ "Pas op, spotters, besau jimme en wurd wei, want ik sil noch yn jimme dagen sa fanwegen komme dat jimme it net leauwe soene as ien it jimme fertelde." ' ⁴² Doe't Paulus en Barnabas nei bûten giene, woene de lju wakker dat der de oare sabbat fierder mei har oer dizze saken praat wurde soe. ⁴³ Nei it útgean fan de synagoge rûnen ferskate Joaden en fromme Joadegenooten mei Paulus en Barnabas op, dy't har tasprutsen en har oantrunen om fêst te hâlden oan Gods genede.

⁴⁴ De dêropfolgjende sabbat kaam omtrint de hiele stêd gear om te harkjen nei it wurd fan 'e Hear. ⁴⁵ By it sjen fan al dy minsken waarden de Joadske liederen troch alles hinne jaloersk en se hongen Paulus mei kwetsende wurden yn 'e mûle. ⁴⁶ Mar Paulus en Barnabas seine planút: 'It wurd fan God moast earst oan jimme ferkundige wurde, mar no't jimme dat ôfwize en jimsels it ivige libben net weardich achtsje, no, dan geane wy no nei de heidens ta. ⁴⁷ Want dit is ús opdracht fan 'e Hear: "Ik bin it dy't dy oanstel ta in ljocht foar de folken, om rêding te bringen oan 'e eienen fan 'e ierde ta." '

⁴⁸ Doe't de heidens dat hearden, wiene se bliid en priizgen se it wurd fan de Hear en allegearre dy't op it ivige libben talein wiene, kamen ta it leauwe. ⁴⁹ En it wurd fan 'e Hear wreide him út oer it hiele lân. ⁵⁰ Mar de Joadske liederen stokelen de godstsjinstige froulju út 'e foarname rûnten op en ek de manlju mei ynfloed yn 'e stêd en se hysten se oan ta in jacht op Paulus en Barnabas en ferdreaune harren sa út har krite. ⁵¹ Dy skodden it stof fan 'e fuotten, dat dy oaren it sels mar witte moasten, en giene nei Ikoanium. ⁵² En de learlingen wiene optein en fol fan 'e hillige Geast.

14¹ Yn Ikoanium giene se ek wer nei de synagoge fan 'e Joaden en troch har ferkundiging kamen gâns minsken, Joaden likegoed as Griken, ta it leauwe. ² Mar de Joaden dy't wegeren har boadskip oan te nimmen stokelen de heidens op ta fijânskip tsjin har dy't leauden. ³ Sa bleaune Paulus en Barnabas dêr in moai skoft. Se sprutsen de hiele tiid frijmoedich oer God. Dy sette de ferkundiging fan syn genede krêft by en liet har tekens en wûnders ferrjochtsje. ⁴ Mar de grutte kloft yn 'e stêd rekke ferdield, guon holden it mei de Joaden en oaren mei de apostels. ⁵ Doe't der in beweging ûntstie fan 'e heidens en de Joaden mei har liederen om Paulus en Barnabas te oerweldigjen en te stiennigjen, ⁶ krigen se dat troch en namen de wyk nei de stêden yn Likaoanië, Lystra en Derbê en omkriten. ⁷ En dêr wiene se ek wer dwaande it evangeelje te ferkundigjen.

⁸ Yn Lystra siet in man dy't gjin krêft yn 'e fuotten hie, lam fan 'e berte ôf, ien dy't syn libben

lang noch net ien kear rûn hie. ⁹ Hy harke nei Paulus syn taspraak. Dy seach him strak oan, murk dat er leauwe dat er better makke wurde koe, ¹⁰ en rôp doe lûd: ‘Kom oerein, gean rjocht op dyn fuotten stean!’ Hy sprong oerein en dêr rûn er hinne. ¹¹ Doe’t al it folk seach wat Paulus dien hie, begûnen se yn it Likaoanysk te roppen: ‘De goaden binne yn it stal fan minsken nei ús delkommen!’ ¹² Se neamden Barnabas Zeus en Paulus Hermes, omdat dy it wurd die. ¹³ De pryster fan Zeus, dy’t bûten de stêd syn timpel hie, brocht bollen en krânsen nei de stedspoarte, en woe mei it folk in offer bringe. ¹⁴ Mar doe’t de apostels Barnabas en Paulus dat hearden, skuorden se de klean stikken en sprongen se tusken it folk yn en rôpen: ¹⁵ ‘Mannen, wat sille jimme no? Wy binne, lykas jimme, mar gewoane minsken, mei it boadskip dat jimme jimme fan dizze ôfgoaden ôfkeare moatte ta de libbene God, dy’t de himel en de ierde makke hat en de see mei alles wat dêryn libbet. ¹⁶ Hy hat yn foarbye tiden alle folken har eigen gong gean litten. ¹⁷ Lykwols hat er bliken jûn fan syn goedens: út ’e himel wei hat er jimme reinwetter jûn en fruchtbere tiden, dat jimme mar taïte koene en wille meitsje.’ ¹⁸ En mei dy wurden koene se de minsken der mar krekt fan ôfhâlde om in offer oan har te bringen.

¹⁹ Doe kamen der Joaden út Antiochië en Ikoanium. Dy praten it folk om en lieten Paulus stiennigje en sleepten him al ta de stêd út, want se tochten dat er dea wie. ²⁰ Mar doe’t de learlingen om him hinne kamen, kaam er oerein en gie er de stêd wer yn. De oare deis gie er mei Barnabas fuort nei Derbê. ²¹ Yn dy stêd ferkundigen se it evangeelje en makken se gâns learlingen. Doe giene se werom nei Lystra, Ikoanium en Antiochië. ²² Se sprutsen de learlingen moed yn en stiene derop oan dat se stânfêst bliuwe soene yn it leauwe en se seine: ‘Wy moatte troch hiel wat lijen hinne op Gods keningskip ta.’ ²³ Yn alle gemeenten lieten se âldsten troch har kieze, se diene gebedens mei fêstjen, en sa betrouden se har oan ’e Hear ta dêr’t se no folgeling fan wiene. ²⁴ Nei’t se troch Pisidië reizge wiene, kamen se yn Pamfilië, ²⁵ dêr’t se yn Pergê it evangeelje ferkundigen. Dêrnei giene se nei Attalia. ²⁶ Dêr stutsen se fan wâl om nei Antiochië te farren, it plak dêr’t se har oan Gods genede ferbûn hiene mei it each op it wurk dat se no folbrocht hiene. ²⁷ Doe’t se dêr oankommen wiene en de gemeente byinoar roppen hiene, diene se it hiele ferhaal: wat God allegearre troch har dien hie, en dat er foar de heidens ek de doar nei it leauwe iepenset hie. ²⁸ Sa bleaune se noch in hiel skoft by de learlingen.

¹⁵ Der kamen ek guon út Judeä, dy’t de bruorren foarholden: ‘As jimme net besnien wurde, lykas Moazes it foarskreaun hat, kinne jimme net beholden wurde.’ ² Dat joech Paulus en Barnabas hiel wat skeel en strideraasje mei dy lju, dat se besleaten dat Paulus en Barnabas mei noch in pear oare gemeenteleden nei de apostels en de âldsten yn Jeruzalem ta gean moasten om oan har de kwestje foar te lizzen. ³ Nei’t de gemeente har de stêd útbrocht hie, reizgen se troch Fenisië en Samaria. Dêr fertelden se rûnom fan de bekearing fan de heidens, wat alle leauwigen tige bliid makke. ⁴ By har oankomst yn Jeruzalem waarden se troch de gemeente, de apostels en de âldsten begroete. Se brochten ferslach út fan alles wat God troch har dien hie. ⁵ Mar in pear leauwigen dy’t út ’e partij fan de Fariseeërs kamen, oppenearren har en seine dat ek net-Joaden besnien wurde moasten en de opdracht krije moasten om har oan ’e wet fan Moazes te hâlden. ⁶ Dat de apostels en de âldsten kamen byinoar om har oer de saak te berieden. ⁷ Doe’t it in hiele strideraasje waard, gie Petrus stean en sei tsjin har: ‘Bruorren, jimme witte sels dat God my al lang lyn út jimme eigen fermidden útkeazen hat, om oan de heidens it evangeelje te ferkundigen en har ta it leauwe te bringen. ⁸ God, dy’t wit wat der yn minskeherten omgiet, hat in dúdlik tsjûgenis jûn, meidat er ek oan ’e heidens de hillige Geast jûn hat, lykas er dat oan ús dien hat. ⁹ Hy hat hielendal gjin ûnderskied makke tusken ús en har, want hy hat har herten troch it leauwe reinige. ¹⁰ Wêrom wolle jimme God dan no ynienen hifkje en lis de learlingen in jok op ’e nekke dat ús foarâlden en wysels net iens drage koene? ¹¹ Nee, wy leauwe dat wy beholden wurde troch

de genede fan ús Hear Jezus Kristus, krekt lykas harren.’¹² Se waarden allegearre stil en se harken nei wat Paulus en Barnabas fertelden oer de grutte tekens en wûnders dy’t God troch har ûnder de heidenfolken dien hie.¹³ Doe’t dy har ek stilholden, naam Jakobus it wurd en sei: ‘Bruorren, harkje nei my.¹⁴ Simeön hat dúdlik makke dat God al fan it begjin ôf fan doel west hat om út ’e heidens him in folk te foarmen dat syn namme ferearet.¹⁵ Dat strykt ek mei wat de profeten sein hawwe, want der stiet omers: ¹⁶ Dan sil ik weromkomme en ik sil it hûs fan David dat ynstoart is wer opbouwe. Ja, ik sil opbouwe wat delhelle is en ik sil it wer oprjochtsje,¹⁷ dat de minsken dy’t oerbleaun binne de Hear sykje sille en mei har alle heidenfolken dêr’t myn namme oer útroppen is. Dat binne de wurden fan ’e Hear, dy’t docht¹⁸ wat fan âlds bekend is.

¹⁹ Dêrom bin ik fan betinken dat men it de minsken út ’e heidenfolken dy’t har ta God bekeare net al te swier meitsje moat,²⁰ mar dat wy har skriuwe moatte dat se fan alles wat troch ôfgoaderij ûnrein wurden is ôfbliuwe moatte, gjin ferbeane ferbyntenissen oangean, en ek ôfbliuwe fan fleis mei bloed deryn en fan bloed sels.²¹ Al sûnt âlde tiden wurdt Moazes omers yn de iene stêd nei de oare ferkundige en wurdt er alle sabbatten foarlêzen.’

²² Doe namen de apostels en de âldsten mei de hiele gemeente it beslút om in pear man út har fermidden mei Paulus en Barnabas nei Antiochië te stjoeren: Judas, dy’t ek wol Barsabbas neamd waard, en Silas, foaroansteande manlju út ’e gemeente.²³ Se joegen har in skriuwen mei dêr’t yn stie: ‘Fan ’e apostels en âldsten, as bruorren, oan ’e bruorren en susters út ’e heidenfolken yn Antiochië, Syrië en Silisië.²⁴ Wy hawwe heard dat guon út ús fermidden by jimme west ha, sûnder ús opdracht, en jimme mei har wurden fan ’e wize brocht hawwe en oerstjoer makke hawwe.²⁵ Sadwaande hawwe wy ienriedich besletten om in pear mannen oan te wizen en nei jimme ta te stjoeren mei ús freonen Barnabas en Paulus,²⁶ minsken dy’t har libben oer hawwe foar ús Hear Jezus Kristus.²⁷ Wy wurde dus fertsjintwurdige troch Judas en Silas en dy oare beiden. Hja sille itselde fertelle as wat hjiryn stiet.²⁸ Want it hat de hillige Geast en ús goed talike om jimme fierder gjin lêsten op te lizzen as allinne dizze needsaaklike: ²⁹ ûnthâld jimme fan fleis dat oan ôfgoaden offere is, fan bloed en fan fleis dêr’t noch bloed yn sit, en fan ferbeane ferbyntenissen. As jimme jimme dêrfoar yn acht nimme dogge jimme it goede. It allerbêste!’

³⁰ Sa namen se ôfskied en giene nei Antiochië, dêr’t se de gemeente byinoar rôpen en it brief oerjoegen.³¹ De lju liezen it foar en se wiene wakkere bliid om dy bemoedigjende wurden.

³² Judas en Silas, dat sels ek profeten wiene, praten lang mei har bruorren en susters en joegen har moed en krêft.³³ Se bleaune noch in skoftke yn Antiochië en namen doe ôfskied fan har bruorren en susters mei in fredegroet om wer werom nei dy’t har stjoerd hiene.

³⁵ En Paulus en Barnabas brochten in tiid yn Antiochië troch mei it jaan fan ûnderrjocht en it ferkundigjen fan it wurd fan ’e Hear, krekt as in protte oaren.³⁶ Mar nei ferrin fan tiid sei Paulus tsjin Barnabas: ‘Lit ús nochris weromgean om de bruorren en susters op te sykjen yn alle stêden dêr’t wy it wurd fan God brocht hawwe en te sjen hoe’t it mei har is.’³⁷ Barnabas woe Johannes dy’t Markus neamd waard ek meinimme,³⁸ mar Paulus fiede der net foar om de man dy’t yn Pamfilië by har wei gien wie en net fierder mei har wurke hie, om dy wer mei te nimmen.³⁹ Dêr krigen se sa’n spul om dat se útinoar giene. Barnabas naam Markus mei om nei Syprus oer te stekken,⁴⁰ Paulus keas Silas út en reizge ôf, neidat de leauwigen him oan ’e genede fan de Hear tabetroud hiene.⁴¹ Hy reizge troch Syrië en Silisië en bemoedige oeral de gemeenten.

¹⁶ Hy kaam ek yn Derbê en yn Lystra. En sjoch, dêr wie ek in learling dy’t Timoteüs hiet. Hy wie de soan fan in Joadske frou dy’t ta it leauwe kommen wie en fan in Grykske heit.² Hy lei op in goede namme by de leauwigen yn Lystra en Ikoanium.³ Dy woe Paulus graach mei hawwe, en hy liet him besnije fanwegen de Joaden dy’t yn dy krite wennen, want dy wisten allegearre dat syn heit in Gryk wie.⁴ Op har reis by de stêden lâns brochten se de besluten oer dy’t de apostels

en de âldsten yn Jeruzalem nommen hiene en se stiene derop oan dat se har dêroan hâlde soene.
⁵ Sa waarden de gemeenten sterkeroan yn it leauwe en se woexsen dei oan dei oan yn tal.

⁶ Se giene troch Frigië en Pamfilië, om't de hillige Geast it har belette om it wurd fan God yn Asia te ferkundigjen. ⁷ En doe't se yn Misië oankommen wiene, besochten se om fierder nei Bitinië, mar de Geast fan Jezus liet dat net ta. ⁸ Dat se lieten Mysië lizze en sakken ôf nei Troas. ⁹ Dêr krige Paulus nachts in fizjoen fan in man út Masedoanië dy't him tarôp: 'Stek oer nei Masedoanië en help ús!' ¹⁰ Doe't Paulus dat fizjoen sjoen hie, besochten wy fuortendaliks om dêrwei nei Masedoanië ta, want wy makken dêrút op dat it God wie dy't ús rôp om dy minsken it evangeelje te bringen.

¹¹ Wy setten út Troäs wei yn ien kear nei Samotrake; de oare deis fearen wy fierder nei Neäpolis, ¹² en dêrwei wer fierder nei Filippy, in belangrike stêd yn dat part fan Masedoanië, in koloanje. Yn dy stêd bleaune wy in set. ¹³ Doe't it sabbat wie giene wy troch de poarte de stêd út, dat út fan 'e rivier, om't wy oannamen dat dêr wol in plak fan gebed wêze soe. Dêr setten wy ús del en praten mei de froulju dy't dêr gearkommen wiene. ¹⁴ Der siet ek ien frou nei ús te harkjen, in Lydia út Thyateira, hja hannele yn poarperkleurige stoffen en fereare God. En de Hear iepene har hert, dat se de wurden fan Paulus oannimme woe. ¹⁵ Neidat sy mei har húshâlding doopt wie, frege se ús: 'As it jimme betinken is, dat ik yn 'e Hear leau, dan moatte jimme meikomme en by my útfanhúzje. En hja helle ús dêrta oer.

¹⁶ Doe't wy wer ris ûnderweis wiene nei it plak fan gebed, kamen wy in kear in slavinne tsjin dy't in wiersizzende geast hie en mei har wiersizzerij har eigeners gâns fertsjinst joech. ¹⁷ Se rûn efter Paulus en ús oan en rôp oan ien tried wei: 'Dizze minsken binne tsjinneren fan 'e alderheechste God en hja ferkundigje jimme hoe't jimme rêden wurde kinne.' ¹⁸ En dat die se dagen efterinoar. Paulus krige dêr syn nocht fan en hy draaide him om en sei tsjin 'e geast: 'Ik sis dy yn 'e namme fan Jezus Kristus datst út har wei giest!' En op itselde stuit gie de geast út har wei.

¹⁹ Mar doe't har eigeners seagen dat se no gjin fertsjinst mear te ferwachtsjen hiene, griepen se Paulus en Silas en skuorden har nei de merk foar it stedsbestjoer. ²⁰ En doe't se har foar de befehwawers fan it garnizoen hiene, seine se: 'Dizze minsken bringe ús stêd yn ûnstjoer. It binne Joaden ²¹ en se ferkundigje de oaren in libbenswize dy't wy, as Romeinen, net oannimme of yn praktyk bringe meie.' ²² Doe kearde it folk him tsjin Paulus en Silas en de befehwawers lieten har de klean fan it liif skuorre en fûnen it goed dat se mei de stôk krigen. ²³ Nei't se har gâns stokslaggen jûn hiene, smieten se har yn it hûnegat en joegen se de tichthúsbaas opdracht om sekuer de wacht oer har te hâlden. ²⁴ Op grûn fan dy opdracht smiet er har yn it binnenste part fan 'e finzenis en makke er har mei de fuotten fêst oan it blok.

²⁵ Om middernacht hinne wiene Paulus en Silas oan it bidden en songen se God lof ta, wylst de oare finzenen nei har harken. ²⁶ Ynienen kaam der in swiere ierdbeving, dat de finzenis skodde op syn fûneminten. Op itselde stuit giene alle doarren iepen en rekken by elkenien de boeiens los.

²⁷ De tichthúsbaas waard wakker, en doe't er seach dat de doarren fan 'e finzenis iepen stiene, luts er it swurd en soe er himsels tekoart dwaan, want hy tocht dat de finzenen poater wiene.

²⁸ Mar Paulus rôp lûd: 'Doch josels neat oan, want wy binne hjir allegearre!' ²⁹ De oppasser frege om ljocht, stode deryn en foel triljend foar Paulus en Silas del. ³⁰ Hy naam har mei derút en sei: 'Machtige hearskippen, wat moat ik dwaan om rêden te wurden?' ³¹ Sy seine: 'Leau yn 'e Hear Jezus Kristus en jo sille rêden wurde, jo en jo húshâlding.' ³² Se ferkundigen it wurd fan 'e Hear oan him en oan alle minsken by him yn 'e hûs. ³³ It wie noch midden yn 'e nacht, mar hy naam har mei en fersoarge har wûnen. Fuort dêrnei waarden hy en syn hiele húshâlding doopt. ³⁴ Hy naam har mei nei syn wente en sette har in miel iten foar en fierde feest no't er mei syn hiele

húshâlding by de leauwigen hearde.

³⁵ Doe't it wer dei wie, stjoerden de befelhawwers boaden mei it sizzen: 'Lit dy minsken frij.'
³⁶ De baas joech dat berjocht oan Paulus troch: 'De befelhawwers komme mei boadskip dat jimme frijlitten wurde moatte. Dat jimme meie derút en yn frede jimme wegen gean.'
³⁷ Mar Paulus sei tsjin harren: 'Se hawwe ús yn it iepenbier ôftichele, sûnder feroardieling, wylst wy ek noch Romeinske boargers binne, en ús sa yn it tichthús smiten. En no sille se ús wat stilder wat better de stêd út reagje? Noait in kear! Lit har hjir sels mar komme en ús derút helje!'
³⁸ De boaden brochten dy wurden oan 'e befelhawwers oer, en dy waarden kjel doe't se fernamen dat it Romeinske boargers wiene.
³⁹ Se kamen en beaën har ferûntskuldiging oan en se lieten har derút en woene doe graach dat se út 'e stêd wei giene.
⁴⁰ Hja ferlieten it tichthús en giene nei it hûs fan Lydia. Doe't se dêr de bruorren en susters troffen hiene, bemoedigen se dy en giene se fuort.

¹⁷ Se reizgen oer Amfipolis en Apolloania nei Tessalonikê, dêr't in Joadske synagoge wie.
² Sa't Paulus dat wend wie, gie er dêrhinne en trije sabbatten efterinoar hie er in petear mei har op grûn fan 'e Bibel.
³ Hy lei dy út en liet har sjen dat de messias lije en út 'e dea ferrize moast. 'En dat', sei er, 'is Jezus de Messias, dy't ik jimme ferkundigje.'
⁴ Guon lieten har oertsjûgje en sleaten har by Paulus en Silas oan, ek tal fan Griken dy't God ferearen en gâns froulju fan 'e hegerein.
⁵ De Joaden seagen dat lykwols mei skeane eagen oan en hellen der in stikmannich minne lju by dy't op 'e merk omhongen en setten in folksoprin yn gong. Sa brochten se de stêd yn ûnstjoer. Se krongen op it hûs fan Jason oan en woene Paulus en Silas foar it folk bringe.
⁶ Doe't se har net fine koene, woene se Jason en noch in pear bruorren meiskuorre nei it stedsbestjoer. Se rôpen: 'No binne de lju dy't oeral de boel yn opskuor bringe hjir ek al'
⁷ en Jason is harren gasthear. En allegearre geane dizzen tsjin 'e foarskriften fan 'e keizer yn, want se bewearde dat in oarenien kening is: Jezus!'
⁸ Doe't de minsken en it stedsbestjoer dat hearden, waarden dy benaud,
⁹ dat se lieten Jason en de oaren pas wer frij, neidat se in boarchstelling fan har krige hiene.
¹⁰ Dyselde nacht noch stjoerden de bruorren Paulus en Silas nei Bereä. Doe't se dêr oankamen giene se nei de Joadske synagoge ta.
¹¹ De minsken dêr wiene har mear tadien as dy yn Tessalonikê. Se hearden it wurd alhiel sûnder euveldoer oan, en dêrby liezen se alle dagen de Bibel derop nei oft it allegearre ek sa wie.
¹² Tal fan har kamen ta it leauwe en ek hiel wat foarname Grykske froulju en manlju.
¹³ Mar doe't de Joaden út Tessalonikê útfûnen dat Paulus ek yn Bereä it wurd fan God ferkundige, giene se dêr ek hinne, it folk op te stokeljen en yn ûnstjoer te bringen.
¹⁴ De bruorren lieten Paulus doe fuortendaliks nei de kust ta ôfreizgje, mar Silas en Timoteüs bleaune dêr.
¹⁵ Paulus syn begelieders brochten him nei Atene en giene doe werom mei it boadskip foar Silas en Timoteüs om sa gau mooglik nei him ta te kommen.
¹⁶ Wylst Paulus yn Atene op harren wachte, seach er ta syn grutte argewaasje dat it yn dy stêd optilde fan 'e ôfgodsbylden.
¹⁷ Yn 'e synagoge wie er yn petear mei de Joaden en mei dy't God ferearen en op 'e merk ek alle dagen mei de lju dy't er dêr oantrof.
¹⁸ Dêr trof er ek wol guon fan 'e Epikureeske en Stoyske filosofen. Guon seine ek: 'Wêr kin dy praatsjemakker no op út wêze?' Oaren seine: 'It liket wol ien dy't frjemde goaden oan 'e man bringe wol,' omdat Paulus Jezus en de ferrizenis ferkundige.
¹⁹ Se namen him mei en brochten him op 'e Areöpagus en seine: 'Kinne jo ús dúdlik meitsje wat dy nije lear ynhâldt dêr't jo it oer hawwe?'
²⁰ Jo fertelle ús dingen dy't ús frjemd oankomme, dat wy soene wol útfine wolle wat dat allegearre ynhâldt.'
²¹ Alle Ateners en frjemdingen dy't dêr wenje brûke ommers hast alle tiid dy't se frij hawwe om wat dan wer nij is fierder te bringen of op te heinen.

²² Doe't Paulus dan midden op 'e Areöpagus plak krige hie, sei er: 'Mannen fan Atene, ik sjoch dat jimme oan alle einden en kanten wakkere godstsjinstich binne.
²³ Want doe't ik hjir omrûn en alles wat jimme ferearje ris beseach, fûn ik ek in alter mei it opschrift: 'Foar in ûnbekende god.'

No, wat jimme dus ferearje sûnder dat jimme it kenne, dat ferkundigje ik jimme. ²⁴ De God dy't it hielal makke hat mei alles wat dêryn bestiet, dy wennet fansels, omdat er it oer himel en ierde te sizzen hat, net yn timpels dy't troch minskehannen makke binne ²⁵ en hy lit him ek net troch hannen fan minsken fersoargje, krekt as soe er ferlet fan wat hawwe. Hy skinkt ommers oan elkenien libben, azem, ja alles. ²⁶ Ut ien persoan hat er in hiel minskdom makke om rûnom op ierde te wenjen. Hy hat de tiden dy't har tametten binne fêststeld en de grinzen fan har wengebiet, ²⁷ om dêrbinnen God te sykjen, al soene se him ek taastendewei in kear fine. Hy is ommers net fier fan elk fan ús ôf, ²⁸ want yn him libje wy, bewege wy ús en besteane wy. Of, lykas guon fan jimme dichters de útspraak hawwe: "Wy hearre ek by syn neiteam." ²⁹ As wy dan by God syn neiteam hearre, moatte wy net miene dat de goadewrâld wat hat fan goud, sulver of stien, dingen dy't troch minsken betocht en makke binne. ³⁰ God jout gjin omtinken oan 'e tiid dat de minsken dat allegearre net wisten, mar no ropt er har oeral op om har te feroarjen, ³¹ want hy hat in dei fêststeld dat er oer de hiele ierde in rjochtfeardich oardiel útsprekke litte sil troch in man dy't er dêrta apart holden hat. Dat men dêrop oan kin hat er sjen litten oan allegearre troch him út 'e dea ferrize te litten.'

³² Doe't se fan in ferrizenis fan deaden hearden hiene guon dêr wakker de gek mei. Mar oaren seine: 'Wy hearre jo dêr noch wol ris in oare kear oer.' ³³ Sa gie Paulus by har wei. ³⁴ Mar in stikmannich sleaten har by him oan en kamen ta it leauwe. Dêr wie Dionysius de Areöpagyt by, en in frou dy't Damaris hiet en noch in pear oaren.

¹⁸ Dêrnei gie er út Atene wei nei Korinte. ² Hy trof dêr in Joad mei de namme Aquila, fan komôf út Pontus, krekt út Itaalje wei, en dy syn frou Priscilla. Claudius hie nammentlik de regel dat alle Joaden út Rome wei moasten. Hy socht har op ³ en om't se itselde hantwurk diene as him útfanhuze er by har en wie er dêr oan it wurk. It wiene nammentlik tintmakers fan har ambacht. ⁴ Alle sabbatten fierde er it wurd yn 'e synagoge en besocht er Joaden en Grieken te oertsjûgjen. ⁵ Mar doe't Silas en Timoteüs út Masedoanië oerkommen wiene, hold Paulus him alhiel by de ferkundiging en hie by de Joaden oars gjin praat as dat Jezus de messias is. ⁶ Doe't dy har dêrtsjin fersetten en op him om begûnen te skellen, skodde er de klean út en sei tsjin har: 'Jimme dea is foar jimme eigen rekken, ik haw der gjin skuld oan! Fan no ôf sil ik nei de heidenfolken ta gean. ⁷ En hy ferhuze nei it hûs fan Titius Justus, in man dy't God fereare, mei it hûs njonken de synagoge. ⁸ Mar Crispus, it haad fan 'e synagoge, stelde syn betrouwen yn 'e Hear, mei syn hiele húshâlding. En hiel wat Korintiërs dy't Paulus hearden, leauden en lieten har dope.

⁹ Op in nacht sei de Hear yn in fizjoen tsjin Paulus: 'Moatst net bang wêze, mar sprek mar ta en dy net stilhâlde! ¹⁰ Want ik bin by dy en gjinien sil dy tenei komme om dy wat te dwaan, want withoefolle minsken yn dizze stêd hearre by my. ¹¹ Paulus joech him dêr oardel jier del en lei har it wurd fan God út.

¹² Mar doe't Gallio gûverneur fan Achaje wie, setten de Joaden ienriedich de oanfal yn tsjin Paulus en brochten him foar it rjocht. ¹³ Se seine: 'Dizze man hellet de minsken oer om God te ferearjen op in manier dy't yn striid is mei de wet.' ¹⁴ Paulus soe krekt begjinne te sprekken, doe sei Gallio tsjin 'e Joaden: 'As it hjir om in slim fergryp of in minne streek gie, Joaden, dan hie ik jimme oanklacht ûntfanklik ferklearre. ¹⁵ Mar as it strideraasjes binne oer in wurd, oer nammen en oer jimme eigen wet, moatte jimme der sels mar mei rêde. Sokke dingen wol ik gjin rjochter oer wêze.' ¹⁶ En hy sette har út 'e rjochtseal. ¹⁷ Mei-inoar pakten se Sostenes, it haad fan 'e synagoge, en joegen him foar it gerjochtsgebou in pak op 'e hûd. En dat koe Gallio allegearre neat skele. ¹⁸ Paulus bleau noch in moai skoft by de bruorren en susters, mar doe naam er ôfskied en soe er oer see nei Syrië, hysels en Priscilla en Aquila, neidat er him yn Kenchreai de holle keal skeare litten hie, want hy stie ûnder in gelofte. ¹⁹ Hy kaam yn Efeze en liet de oaren dêr bliuwe.

Sels gie er nei de synagoge en gie dêr yn petear mei de Joaden. ²⁰ Mar doe't dy him wakker fregen om langer te bliuwen, die er dat net. ²¹ Hy naam ôfskied mei de wurden: 'Ik kom by jimme werom as God it wol,' en sa gie er út Efeze wei. ²² Doe't er yn Caesarea oankaam, gie er oan lân, groete de gemeente en reizge nei Antiochië. ²³ Nei't Paulus dêr in skoft taholden hie, gie er wer fuort. Hy reizge troch Galasië en Frigië en bemoedige alle learlingen.

²⁴ Wilens kaam der yn Efeze in Joadske man dy't Apollos hiet, fan komôf út Aleksandrië, in geleard man, tige thús yn 'e Skriften. ²⁵ Hy hie weet fan 'e wei fan 'e Hear en fol fjoer prate er en joech er útlis oer de dingen fan Jezus. Mar hy koe allinnich de doop fan Johannes. ²⁶ Dy begûn yn 'e synagoge frijmoedich it wurd te fieren. Doe't Priscilla en Aquila him hearden, namen se him mei en leine se him Gods wei noch dúdliker út. ²⁷ Doe't er fierder reizgje woe nei Achaje, moedigen de bruorren him oan en joegen se him in brief mei foar de gemeenteleden om him te ûntfangen. Doe't er dêr oankaam, hiene de leauwigen troch syn oertsjûngingskrêft in grutte stipe oan him, ²⁸ want mei krêft gie er yn it iepenbier tsjin 'e Joaden yn en hy liet op grûn fan 'e Skriften sjen dat Jezus de messias is.

¹⁹ Wylst Apollos yn Korinte wie, kaam Paulus, nei syn reis troch it binnenlân, yn Efeze oan. Dêr trof er in stikmannich learlingen ² en hy sei tsjin har: "Hawwe jimme hillige Geast wol krige doe't jimme ta it leauwe kamen?" Se seine: 'Dat der in hillige Geast is, hawwe wy net iens fan heard.' ³ Doe sei er: 'Mar neffens watfoar gedachte binne jimme dan doopt?' Hja seine: 'Neffens de doop fan Johannes.' ⁴ Paulus sei: 'Johannes doopte as teken fan bekearing en sei tsjin 'e minsken dat se leauwe moasten yn him dy't nei him komme soe, dat wol sizze: yn Jezus.' ⁵ Doe't se dat hearden, lieten se har dope yn 'e namme fan 'e Hear Jezus, ⁶ en doe't Paulus har de hannen oplei, kaam de hillige Geast oer har. En se praten yn oare talen en profetearren. ⁷ Mei-inoar wiene it sa'n tolve man.

⁸ Hy gie nei de synagoge en dêr spruts er trije moanne lang frijút. Hy hold wakker petearen en prate op 'e minsken yn oangeande it keningskip fan God. ⁹ Mar omdat guon stiifkoppich bleaune en it net leauwe woene en boppedat by elkenien de wei bespotlik makken, gie er by har wei en liet er de learlingen apart byinoar komme. Hy hold dan alle dagen petearen yn 'e skoalle fan Turannos. ¹⁰ Dat barde twa jier lang, dat alle ynweners fan Asia krigen it wurd fan 'e Hear te hearren, Joaden likegoed as Grieken. ¹¹ God die troch Paulus ek útsûnderlike wûnders, ¹² dat by de siken waarden sels switdoeken en wurkersklean brocht dy't Paulus syn hûd oanrekke hiene, en dan rekken se har krupsjes kwyt en de ferkearde geasten giene út har wei.

¹³ Guon fan 'e omreizgjende Joadske duvelútdriuwers besochten it ek ris om de namme fan 'e Hear Jezus derby te heljen tsjin 'e minsken dy't de ferkearde geasten hiene. Se seine: 'Ik beswar jimme by de Jezus dy't Paulus ferkundiget!' ¹⁴ Der wiene ek sân soannen fan in Skeva, in Joadske hegepryster, dy't dat diene. ¹⁵ De kweageast antwurde har: 'Jezus ken ik, en Paulus wit ik fan, mar wa binne jimme?' ¹⁶ Doe sprong de man mei de kweageast yn him op har ta en waard har allegearre oermânsk en gie op har los, dat se moasten sûnder klean en raar tamtearre it hûs út flechtsje. ¹⁷ Alle Joadske en Grykske ynweners fan Efeze hearden wat der bard wie en it rôp djip ûntsach op en der waard tige heech opjûn fan 'e Hear Jezus. ¹⁸ Der kamen in protte fan dy't it mei it leauwe weagje woene, dy kamen mei bekentenissen en ferklearrings fan har dwaan en litten. ¹⁹ Gâns minsken dy't har mei tsjoenderij ôfjûn hiene, hiene har boeken samle en dy ferbrânden se yn it iepenbier. Se besiferen dêr ek de wearde fan en kamen út op fyftichtûzen sulverstikken. ²⁰ Sa krige it wurd troch de macht fan de Hear hieltyd mear oanhing en ynfloed. ²¹ Doe't dat allegearre syn beslach krige, naam Paulus him foar om oer Masedoanië en Achaje nei Jeruzalem ta te reizgjen. Hy sei: 'As ik dêr west ha, moat ik ek noch nei Rome ta.' ²² Hy stjoerde twa fan syn helpers, Timoteüs en Erastus, nei Masedoanië, mar bleau sels noch efkes yn Asia. ²³ Yn dy tiid

ûntstie der gâns in opskuor fanwegen de wei. ²⁴ Dat kaam troch in Demetrius, in sulversmid, ien dy't sulveren timpeltsjes fan Artemis ûntwurp en de faklju dêr goed mei fertsjinje liet. ²⁵ Hy rôp har en de arbeiders dy't foar sok wurk nedich wiene byinoar en sei: 'Mannen, sa't jimme wol witte, hawwe wy ús wolfeart oan dit wurk te tankjen. ²⁶ Mar jimme hawwe fansels ek wol heard en sjoen dat dy Paulus net allinne yn Efeze, mar omtrint oeral yn Asia frijwat minsken ompraat hat mei syn sizzen, wat troch minskehannen makke is, dat binne gjin goaden. ²⁷ Sadwaande rinne wy net allinne gefaar dat ús berop op in minne namme komt, mar ek dat de tempel fan 'e grutte goadinne Artemis net mear yn tel is en dat hja, dy't rûnom yn Asia en oer de hiele wrâld fereare wurdt, aansen har oansjen kwytrekke.' ²⁸ Doe't se dat hearden waarden se poerrazend en se rôpen: 'Grut is de Artemis fan Efeze!' ²⁹ De stêd rekke alhiel yn opskuor en as ien man stoarme it folk nei it teäter ta en sleepte Gajus en Aristarchus, twa Masedoanyske reisgenoaten fan Paulus, mei dêrhinne. ³⁰ Paulus hie yn 'e holle om nei it folk ta, mar de learlingen joegen him de kâns net. ³¹ Ek guon leden fan it provinsjebestjoer, dy't it goed mei him foar hiene, stjoerden in warskôging dat er him net yn it teäter sjen litte moast. ³² De iene rôp dit en de oare dat, want de gearkomste wie ien grutte tizeboel en de measten wisten net iens wêrom't se dêr byinoar wiene. ³³ In pear fan 'e kliber fertelden oan Aleksander, dy't troch de Joaden nei foaren skood wie, wat der te rêden wie. Dy joech mei de hân oan dat er him foar it folk ferantwurdzje woe. ³⁴ Mar doe't se trochkrigen dat er in Joad wie, begûnen se mei-inoar as ien man te roppen, wol twa oeren lang: 'Grut is de Artemis fan Efeze!'

³⁵ Op it lêst bêde de stedskriuer de kliber del en sei: 'Mannen fan Efeze, wa minske wit no net dat de stêd Efeze noed stiet foar de tempel fan 'e grutte Artemis en foar har byld dat út 'e himel fallen is?' ³⁶ Dêr is neat tsjinyn te lizzen en dêrom moatte jimme jimme kalm hâlde en net domdrist te wurk gean. ³⁷ De mannen dy't jimme hjirhinne sleept ha, hawwe de tempel net skeind en likemin wat ferkeards oer ús goadinne sein. ³⁸ As Demetrius en de oaren fan syn ambacht mei de iene of oare spul hawwe, dan binne der ommers rjochtsittingen en gûverneurs, dat se kinne elkoar mar oankleie. ³⁹ En as jimme dan fierder noch wat wolle, sil dat yn 'e wettige gearkomste fan 'e boargers útmakke wurde. ⁴⁰ Wy rinne ommers it gefaar dat wy fan oproer beskuldige wurde om 'e dei fan hjoed, want der is aansen gjin inkelde ferklearring dy't wy foar dizze opskuor jaan kinne.' En mei dy wurden makke er in ein oan 'e gearkomste.

²⁰ Doe't it trelit bedarre wie, liet Paulus de learlingen by him komme om har moed yn te sprekken. Dêrnei naam er ôfskied en gie er dêrwei om nei Masedoanië ta te reizgjen. ² Nei't er, ûnderweis troch dy kriten, de lju dêre mei tal fan wurden moed ynsprutsen hie, gie er nei Grikelân. ³ Dêr bleau er trije moanne. Doe't er op it punt stie om nei Syrië oer te stekken, beleine de Joaden in oanslach op him, dat hy besleat om oer Masedoanië werom. ⁴ Yn syn selskip wiene Sôpatros, de soan fan Pyrros út Bereä, út Tessalonikê Aristarchus en Secundus, Gaius út Derbê en Timoteüs, en út Asia Tychikos en Trofimos. ⁵ Dy reizgen foarút en wachten ús yn Trôas op. ⁶ Sels fearen wy, nei it feest fan 'e ûnsoarre breaën, út Filippy wei en fiif dagen letter kamen wy ek yn Trôas oan. Dêr bleaune wy doe noch sân dagen.

⁷ Op 'e earste dei fan 'e wike wiene wy byinoar om it brea te brekken. Paulus, dy't fan doel wie om de oare deis fierder te reizgjen, hold in taspraak en prate wol oan middernacht ta troch. ⁸ Yn 'e boppeseal dêr't wy byinoar sieten brânden frijwat lampen. ⁹ Yn it finster siet in jongfeint dy't Eutychos hiet. Dy rekke, omdat Paulus hieltyd mar trochprate, yn in djippe sliep, en omdat er sa djip yn 'e sliep rekke wie, foel er fan 'e tredde ferdjipping ôf nei ûnderen. Se krigen him foar dea op. ¹⁰ Paulus gie nei ûnderen ta, gie op him lizzen en sloech de earmen om him hinne en sei: 'Wês mar net sa oeral, want it libben sit noch yn him.' ¹¹ Hy gie wer nei boppen, dielde it brea en iet derfan. Dêrnei wie er noch in hiel skoft mei har yn petear, wol oant de dei begûn te daagjen. Doe

reizge er ôf. ¹² Se namen de jonge libben en wol mei en waarden bot bemoedige. ¹³ Wy wiene al earder oan board gien en nei Assos ta stutsen, om Paulus dêr oan te heljen. Sa wie syn beslút, sels woe er te gean dêrhinne. ¹⁴ Doe't er yn Assos wer by ús wie, namen wy him oan board en giene nei Mitulênê. ¹⁵ De oare deis sylden wy wer fierder oant wy foar Chios kamen te lizzen. De deis dêrop stutsen wy oer nei Samos en wer in dei letter kamen wy oan yn Milêtos. ¹⁶ It wie nammentlik Paulus syn bedoeling om Efeze lizze te litten om gjin tiid yn Asia te ferliezen, want hy wie hastich en besocht oft it ek mooglik wie om mei Pinkster yn Jeruzalem te wêzen.

¹⁷ Ut Milêtos wei stjoerde er boadskip nei Efeze en frege de âldsten fan 'e gemeente om by him te kommen. ¹⁸ Doe't dy by him ferskynden, sei er tsjin har: 'Jimme witte, fan 'e earste dei ôf dat ik yn Asia kommen bin, hoe't ik alle dagen by jimme dien haw. ¹⁹ As in tsjinstfeint fan 'e Hear, mei alle needrichheid en triennen en besikingen dy't op myn paad kamen troch wat de Joaden tsjin my betochten, ²⁰ sa bin ik neat út 'e wei gien om jimme mar tekst en útlis te jaan oer jimme goed, yn it iepenbier en by minsken thús. ²¹ Ik haw Joaden en Griken besward om har tenei op God te rjochtsjen en te betrouwen op Jezus, ús Hear. ²² En no bin ik dan, dreun troch de Geast, ûnderweis nei Jeruzalem, sûnder te witten hoe't it dêr mei my komt, ²³ útsein dat de hillige Geast my fan stêd ta stêd foarhâldt dat my boeiens en benearing te wachtsjen steane. ²⁴ Mar myn eigen libben is my hielendal neat oan gelegen, as ik myn baan mar útrinne mei en de opdracht dienmeitsje dy't ik fan 'e Hear Jezus krigen haw: de ferkundiging fan it evangelije fan Gods genede.

²⁵ Dat sjoch, sels wit ik dat jimme, dy't ik op myn reizen it keningskip ferkundige haw, my allegearre net weromsjen sille. ²⁶ Dêrom ferklearje ik jimme op 'e dei fan hjoed dat ik gjin skuld hawwe kin oan jimme dea, ²⁷ want ik bin neat út 'e wei gien om jimme folslein op 'e hichte te bringen fan Gods bedoeling. ²⁸ Pas goed op jimsels en op 'e hiele keppel dêr't de hillige Geast jimme it tafersjoch oer jûn hat, as hoeders fan 'e gemeente dy't God him ta eigendom makke hat troch syn eigen bloed. ²⁹ Ik wit skoan, as ik ien kear fuort bin dan komme der wrede wolven by jimme, dy't de keppel net nije sille, ³⁰ en manlju út jimme eigen fermidden sille har oppenearje mei misliedend praat, om de learlingen derby wei en efter harsels oan te krijen. ³¹ Wês dêrom op jimme iepenst en betink altyd dat ik elk fan jimme persoanlik trije jier lang, nachts en deis, oan ien tried wei mei de triennen yn 'e eagen goeried jûn haw.

³² En no betrou ik jimme dan ta oan God en oan it wurd fan syn genede. Dat wurd is by steat om fierder te bouwen en it erfdiel oan alle hilligen takomme te litten. ³³ Sulver, goud of klean haw ik fan net ien hawwe wollen; ³⁴ jimme begripe sels wol dat dizze hannen hjirre yn it libbensûnderhâld fan my en myn maten foarsjoen hawwe. ³⁵ Yn alles haw ik jimme sjen litten dat jimme foar de swakken soargje moatte troch ek sa hurd te arbeidzjen, en de wurden fan 'e Hear Jezus heechhâlde dy't sels sein hat: "Jaan wurdt men better fan as fan krijen."

³⁶ Doe't er útpraat wie, gie er op knibbels om mei har allegearre te bidden. ³⁷ Se moasten allegearre slim skrieme, se foelen Paulus om 'e hals en betuten him. ³⁸ Se wiene foaral sa ferslein om syn útspraak dat se him net weromsjen soene. Sa rûnen se mei him op nei it skip.

²¹ Wy stutsen ôf, neidat wy ús mei muoite fan har losmakke hiene, en kamen yn ien kear op Kos, de oare deis kamen wy op Rodos oan en dêrwei yn Patara, ² en doe't wy dêr in skip fûnen dat nei Fenisië oerstekke soe, giene wy oan board en stutsen ôf. ³ Wy krigen Syprus yn it sicht en lieten it lofts lizze, en sylden sa op Syrië ta, en wy kamen oan yn 'e haven fan Tyrus. Dêr moast it skip nammentlik syn fracht útlade. ⁴ Wy sochten dêr de learlingen op en bleaune dêr sân dagen. Dy seine troch de Geast hieltyd tsjin Paulus dat er net nei Jeruzalem ta gean moast. ⁵ Mar doe't ús tiid om wie, setten wy dochs ôf en wy giene fierder op reis. Se brochten ús allegearre fuort, mei froulju en bern, oant bûten de stêd. Op it strân giene wy op knibbels om te bidden ⁶ en doe namen

wy ôfskied faninoar en giene oan board. Hja giene ek wer nei hûs ta.

⁷ Us seereis wie ta in ein kommen doe't wy út Tyrus wei yn Ptolemaïs oankamen. Wy begroeten de bruorren en susters dêre en bleaune ien dei by har. ⁸ De oare deis giene wy wer fierder en kamen yn Caesarea. Wy giene nei it hûs fan Filippus de evangeeljeferkundiger ta, ien fan 'e sân, en dêr bleaune wy. ⁹ Dy hie fjouwer net troude dochters dat profeten wiene. ¹⁰ Doe't wy dêr in skoftke taholden, kaam der in profeet út Judea, dy't Agabos hiet. ¹¹ Hy kaam by ús en pakte Paulus syn riem en bûn himsels dêrmei de fuotten en de hannen fêst. Doe sei er: 'Dit seit de hillige Geast: de man dêr't dizze riem fan is, sille de Joaden yn Jeruzalem sa fêstbine en oan 'e heidens oerleverje.' ¹² Doe't wy dat hearden, stiene wy en de minsken dy't dêr wennen der by him op oan en gean net nei Jeruzalem. ¹³ Doe joech Paulus as beskied: 'Wat dogge jimme te skriemen en my it herte weak te meitsjen? Wat my oanbelanget, yn Jeruzalem bin ik ommers ree om my net allinnich fêstbine te litten mar ek te stjerren foar de namme fan 'e Hear Jezus.' ¹⁴ Om't er him net beprate liet, holden wy op it lêst op en seine: 'Dan moat it mar komme sa't de Hear it wol.' ¹⁵ In pear dagen letter makken wy ús klear foar de reis en sa setten wy ôf nei Jeruzalem.

¹⁶ In pear learlingen út Caesarea giene mei ús. Dy brochten ús om dêr te útfanhúzjen by in Mnason fan Cyprus, dy't al lang in learling wie. ¹⁷ En doe't wy yn Jeruzalem kamen, ferwolkommen de bruorren en susters ús mei bliidskip.

¹⁸ De oare deis wie Paulus mei ús nei Jakobus ta, en alle âldsten wiene dêr ek. ¹⁹ Nei't Paulus har begroete hie, fertelde er har alle dingen, ien foar ien, dy't God troch syn wurk ûnder de heidens dien hie. ²⁰ En hja loven God doe't se dat allegearre hearden. Mar se seine ek tsjin him: 'Do sjochst wol, broer, hoefolle tûzenen Joaden oft wilens by it leauwe binne en allegearre hâlde se har sekuer oan 'e wet. ²¹ No is har ferteld wurden datsto alle Joaden dy't tusken de heidenfolken yn wenje learst om Moazes falle te litten, troch te sizzen dat se net langer de bern hoege te besnijen en te libjen sa't wy wend wiene. ²² Dat, hoe moatte wy no? Se krije sûnder mis te hearren datsto hjir bist. ²³ Doch dan wat wy dy no sizze. Wy hawwe hjir fjouwer manlju dy't in gelofte dien hawwe. ²⁴ Nim har mei en lit dy tagelyk mei har reinigje en betelje de kosten foar har, dat se har de holle keal skeare litte kinne. Dan sil elk wol begripe, de ideeën dy't se oer dy hawwe is neat fan oan, do beweechst dy sels just ek binnen de stringen fan 'e wet. ²⁵ Wat de heidens oanbelanget dy't by it leauwe hearre, wysels hawwe in brief stjoerd mei ús beslút dat se har yn acht nimme moatte foar fleis dat oan ôfgoaden offere is, foar bloed en foar fleis dêr't noch bloed yn sit, en foar ferbeane ferbyntnissen.' ²⁶ Doe naam Paulus dy mannen mei en nei't er him de oare deis mei har reinigje litten hie, gie er nei de timpel ta om dêr mei te dielen wannear't de tiid fan 'e reiniging ôfrinne soe en it offer brocht wurde koe foar har allegearre. ²⁷ Doe't dy sân dagen sawat op 'e ein rinne soene, hiene de Joaden út Asia him yn 'e timpel sjoen. Dat se wiene dwaande om it hiele folk yn opskuor te bringen en se pakten him beet ²⁸ en raasden: 'Mannen fan Israel, jimme moatte hjir komme! Dit is de man dy't oeral en oan allegearre in rjochting ferkundiget tsjin ús folk, tsjin 'e wet en tsjin dit stee. Boppedat hat er ek noch Griken mei de timpel yn nommen en is er ien dy't dit hillich stee ûntwijt. ²⁹ Der wiene nammentlik guon, dy hiene Trofimos út Efeze earder al mei him yn 'e stêd op 'e kuer, en se mienden mar dat Paulus him mei de timpel yn nommen hie. ³⁰ De hiele stêd rekke yn ûnstjoer en it folk klofte gear. Se hiene Paulus beetpakt en slepten him de timpel út, en fuortendaliks waarden de doarren ticht dien.

Wylst se fan doel wiene om him dea te meitsjen krige de tribún fan 'e legerôfdieling berjocht, hiele Jeruzalem wie op ien ein. ³² Fuortendaliks fleach dy mei soldaten en offisieren deropôf. Doe't de lju de tribún en de soldaten seagen, holden se op Paulus te slaan. ³³ Doe kaam de tribún

by him en liet him fêstnimme en mei twa kettingen boeie en frege wa't dat wie en wat er op syn gewisse hie. ³⁴ Mar yn 'e mannichte rôp de iene dit en de oare dat. Om't er troch alle opskuor it rjochte der net fan útfine koe, joech er befel om him nei de kazerne te bringen. ³⁵ En doe't er by de treppen wie, kaam it sa, hy waard droegen troch de soldaten fanwegen it geweld fan 'e minsken. ³⁶ It grutste part fan it folk kaam nammentlik mei, aloan razend fan: 'Fuort mei dy man!'

³⁷ Op it stuit dat er de kazerne yn brocht wurde soe, sei Paulus tsjin 'e tribún: 'Kin ik jo efkes wat sizze?' Dy antwurde: 'Kinne jo Gryksk?' ³⁸ Dan binne jo dus net dy Egyptner dy't in skoftke lyn dy fjouwertûzen fersetslju opstookt hat en meinommen nei de wyldernis?' ³⁹ Paulus sei: 'Ik bin in Joad, út Tarsus yn Silisië, boarger fan in net hiel ûnbelangrike stêd. En jo freegje ik mei klam, jou my ferlof om it folk ta te sprekken. ⁴⁰ Doe't dy dêryn bewillige hie, joech Paulus, dy't boppe-oan de treppen stie, it folk in teken mei de hân. Doe't it hielendal stil wurden wie spruts er har yn it Arameesk ta mei de wurden:

22¹ 'Bruorren en susters en liederen fan ús folk, harkje nei myn ferantwurdig foar jimme oer.'

² Doe't se hearden dat er har yn it Hebriuwsk taspruts, waarden se noch stiller. Doe sei er: ³ 'Ik bin in Joad, hikke en tein yn Tarsus yn Silisië, mar in bern fan dizze stêd, mei myn foarming by Gamaliël, seker neffens de wet fan ús foarâlden, en ik focht fûleindich foar God, sa't jimme dat no ek allegearre dogge. ⁴ Ik haw de minsken fan dizze wei om dea op 'e hûd sitten, en dan liet ik manlju likegoed as froulju oppakke en fêstsette, ⁵ wat de hegepryster en de hiele rie fan âldsten befêstigje kinne. Ik haw sels brieven fan har meikrige, en dêrmei wie ik ûnderweis nei ús bruorren yn Damaskus, want ik woe de minsken dêre ek yn 'e boeiens nei Jeruzalem ta bringe, dat se ôfstrafte waarden. ⁶ En it kaam sa, ik wie ûnderweis en net fier mear fan Damaskus ôf, midden op 'e dei, en dêr wie it ynienen in ferskriklik stik ljocht út 'e himel om my hinne. ⁷ Ik foel op 'e grûn en hearde in stim dy't tsjin my sei: "Saul, Saul, wêrom sitst sa efter my oan?" ⁸ Mar ik antwurde: "Hear, wa binne jo?" En hy sei: "Ik bin Jezus fan Nazaret, dêr'tsto efteroan sitst." ⁹ Myn reismaten seagen it ljocht wol, mar hearden de stim net dy't tsjin my prate. ¹⁰ Ik sei: "Hear, wat moat ik dwaan?" De Hear sei tsjin my: "Kom oerein, en dan moatst fierder nei Damaskus. Dêr krigest alles te hearren datsto ornearre bist om te dwaan." ¹¹ Omdat ik net mear sjen koe fanwegen dat skerpe ljocht, krigen myn maten my by de hân en sa kaam ik yn Damaskus.

¹² In man dy't fan Ananias hiet, ien dy't neffens de wet libbe, achtenearre troch alle Joadske ynwenners, ¹³ kaam by my en gie foar my stean en sei tsjin my: "Saul, broer, doch de eagen iepen." En ik, op itselde stuit koe ik him sjen. ¹⁴ Hy sei: "De God fan ús foarfaars hat dy fan tefoaren al ornearre datsto leare silst wat hy wol, datsto de Rjochtfeardige sjen silst en him praten hearre. ¹⁵ Want do silst syn tsjûge wêze en oan alle minsken fertelle watsto sjoen en heard hast. ¹⁶ No, wêr wachtest op? Oerein, lit dy dope en dysels skjinwaskje fan dyn ferkeardichheden troch it oanroppen fan syn namme."

¹⁷ Doe't ik wer yn Jeruzalem weromkommen wie, en wylst ik dêr yn 'e timpel stie te bidden, dêr rekke ik ynienen bûten mysels ¹⁸ en seach ik him en hy sei tsjin my: "Sjit op en sjoch datst út Jeruzalem wei komst, want se sille dyn tsjûgenis oer my net oannimme." ¹⁹ Doe sei ik: "Hear, se witte dochs sels, dat ik it wie dy't yn 'e synagogen de minsken dy't yn jo leauwe oppakt en mishannelje litten haw?" ²⁰ En doe't jo tsjûge Stefanus deamakke waard, stie ik der sels ek by en ik fûn it mar in bêst ding en ik tocht om 'e klean fan 'e lju dy't him ombrochten." ²¹ En hy sei tsjin my: "Gean no mar op reis, want ik sil dy nei heidenfolken omfierrens ta stjoere."

²² Oant er dit sei, hiene se hieltyd nei him harke, mar no begûnen se te roppen: 'Fuort mei sa'n fint! Hy soe der net wêze moatte!' ²³ Wylst se sa stiene te razen en de mantels útskuorden en moude yn 'e loft smieten, ²⁴ joech de tribún oarders om him yn 'e kazerne te bringen en hy sei, se

moasten him mei de swipe ûnderfreesje, want hy woe witte wêrom oft se sa tsjin him stiene te roppen en te razen. ²⁵ Mar doe't se him de riemen al oanspand hiene, sei Paulus tsjin 'e centurio dy't dêr stie: 'Meie jimme in Romeinsk boarger, en dat sûnder dat er feroardiele is, samar giselje?' ²⁶ Doe't de centurio dat hearde, gie er mei dat nijs nei de tribún ta. Hy sei: 'Wat binne jo no fan doel? Dy man is ommers in Romein!' ²⁷ De tribún kaam en sei tsjin him: 'No moatst my ris fertelle, bisto in Romein?' Paulus sei: 'Jawis!' ²⁸ De tribún antwurde: 'Ik haw foar dat boargerrjocht in fermogen jaan moatten.' Mar Paulus sei: 'Ik haw it ek noch ris fan myn berte ôf.' ²⁹ Dat, fuortendaliks giene de manlju dy't fan doel wiene om him te ûnderfreesjen by him wei. Ja, sels de tribún begûn deroer yn te sitten doe't er yn 'e rekken krige dat it in Romein wie, en dat hy him yn finzenskip hie. ³⁰ Om't er it krechte derfan witte woe wêrom oft er troch de Joaden beskuldige waard, liet er him de oare deis frij en joech er befel dat de hegeprysters en it hiele Sanhedrin byinoar komme moasten. Doe liet er Paulus nei ûnderen bringe en pleatste him foar har oer.

²³ Paulus seach it Sanhedrin oan en sei: 'Mannen, bruorren, wat my oangiet, ik haw mysels oan 'e dei fan hjoed ta hielendal neat te ferwiten hoe't ik my foar God oer holden en droegen haw.' ² Mar Ananias, de hegepryster, joech de mannen dy't neist Paulus stiene befel om him in slach foar de mûle te jaan. ³ Doe sei Paulus tsjin him: 'God sil dy slaan, do wytkalke muorre! Do sitst hjir ek noch om neffens de wet rjocht oer my te sprekken, en dan my slaan litte, alhiel tsjin 'e wet yn?' ⁴ De omstanners seine: 'Skelsto de hegepryster fan God út?' ⁵ En Paulus sei: 'Dat wist ik net, bruorren, dat it de hegepryster wie. Der stiet ommers: "In lieder fan it folk silsto net ferkeard oer prate."' "

⁶ Mar omdat Paulus wol heard hie dat it foar in part Sadduseeërs wiene en foar in part Fariseeërs, rôp er oars net as: 'Mannen, bruorren, ik bin in Fariseeër, út in Fariseesk laach, om wat ik hoopje en om de ferrizenis fan deaden stean ik hjir foar it rjocht!' ⁷ Doe't er dat sei, krigen de Fariseeërs en de Sadduseeërs spul mei-inoar en der ûntstie twaspjalt yn 'e gearkomste. ⁸ Sadduseeërs sizze nammentlik dat der gjin ferrizenis bestiet, en ek gjin ingel noch geast, wylst Fariseeërs dat allegearre wol foar wier oannimme. ⁹ It waard in hiel gerop en geraas en guon skriftgelearden fan 'e partij fan de Fariseeërs fersetten har wakker en seine: 'Neffens ús hat dy man neat ferkeards dien. Soe in ingel of in geast net mei him praat hawwe kinne?'

¹⁰ Doe't it ien grutte strideraasje waard, waard de tribún suver bang dat se Paulus ferskuorre soene en hy liet de ôfdieling nei ûnderen komme om him út har fermidden wei te heljen en nei de kazerne ta te bringen. ¹¹ Dy nachts kaam de Hear by him en sei: 'Do moatst moed hâlde, want lykasto yn Jeruzalem foar my tsjûge hast, sa moatsto ek yn Rome tsjûge.' ¹² De oare moarns kloften de Joaden wer byinoar en se leine harsels dizze flok op, se soene neat ite of drinke ear't se Paulus deamakke hiene. ¹³ Mear as fjirtich man diene mei-inoar dy eed. ¹⁴ Hja giene nei de hegeprysters en de âldsten en seine: 'Wy hawwe ússels in dregen flok oplein, wy nimme neat ta ús ear't wy Paulus deamakke hawwe. ¹⁵ No dan, as jimme no de tribún berjocht dogge, mei út namme fan it hiele Sanhedrin, oft er him nei jimme ta bringe wol, sabeare om him noch better te ûnderfreesjen, dan steane wy ree om him om hals te bringen, noch foardat er by jimme is.'

¹⁶ Mar de soan fan Paulus syn suster hearde fan dy falstrik, en dy gie gau nei de kazerne ta en slagge deryn en fertelde it sa oan Paulus. ¹⁷ Dy rôp om ien fan 'e centurio's en sei: 'Bring dizze jongkeardel nei de tribún, want hy hat in boadskip foar him.' ¹⁸ Dat dy naam de jonge mei en brocht him nei de tribún ta en sei op syn bar: 'De finzene Paulus hat my roppen en frege om dizze jonge by jo te bringen, om't er jo wat te sizzen hat.' ¹⁹ De tribún krige him by de hân en naam him apart en frege him doe: 'No, wat hiest foar boadskip foar my?' ²⁰ Hy sei: 'De Joaden hawwe ôfpraat om jo te freesjen om Paulus moarn foar it Sanhedrin te bringen, sabeare om him dingen

better te freegjen. ²¹ Mar lit jo net troch har beprate, want mear as fjirtich fan har hawwe it op him foarsjoen. Hja hawwe harsels in flok oplein, dat se ite noch drinke sille ear't se Paulus fermoarde hawwe. Ja, se steane no al klear en wachtsje inkeld op jo tastimming.' ²² Dat de tribún liet de jonge fuortgean mei de warskôging: 'Fertel oan gjinien datst my dit trochjûn hast!' ²³ Dêrnei liet er twa centurio's by him komme en sei: 'Lit 200 man soldaten reestean om nei Caesarea ta, en 70 man hynstefolk en 200 man mei spearen, de tredde oere fan 'e jûn, ²⁴ en dat der ryddieren binne foar Paulus, dat se him dêrop feilich nei gûverneur Felix ta bringe.' ²⁵ En hy skreau in brief mei dizze ynhâld:

²⁶ 'Claudius Lysias groetet de rju eale gûverneur Feliks. ²⁷ Dizze man, dy't troch de Joaden oppakt is en dy't se mei alle geweld dea hawwe wolle, haw ik oan in ploech soldaten tabetroud en sa by har wei helle, doe't ik hearde dat it in Romeinsk boarger is. ²⁸ Om't ik graach útfine woe wêr't se him krekt fan beskuldigen, brocht ik him foar har Sanhedrin. ²⁹ Dêr waard ik gewaar dat er oanklage waard yn ferbân mei striidpunten oer har wet en dat der neat tsjin him ynbrocht is dêr't er dea of fêstset om moatte soe. ³⁰ Doe't my berjocht dien waard, der soe in oanfal op dizze man komme, haw ik him fuortendaliks nei jo tastjoerd, mei ek in berjocht oan syn oanklagers om wat se op him tsjin hawwe foar te lizzen oan jo.'

³¹ De soldaten namen Paulus neffens oarder mei en brochten him yn 'e nacht nei Antipatris. ³² De oare deis lieten se it hynstefolk mei him fierder reizgje en giene se sels werom nei de kazerne. ³³ Doe't dy yn Caesarea oankommen wie en it brief oan 'e gûverneur oerjûn hiene, droegen se Paulus ek oan him oer. ³⁴ Doe't dy it boadskip lêzen hie en frege út wat provinsje oft er kaam, en doe't er hearde fan út Silisië wei, sei er: 'Ik hear jo wol as jo oanklagers hjir ek oankommen binne.' Dêrmei joech er befel om Paulus op te sluten yn it paleis fan Heroades.

²⁴¹ Nei fiif dagen kaam de hegepryster Ananias oan, mei in stikmannich âldsten en mei in abbekaats dy't fan Tertullus hiet. Hja tsjinnen by de gûverneur in oanklacht tsjin Paulus yn. ² Dy waard foarroppen, en Tertullus sette mei syn beskuldiging útein: 'Wy ûnderfine folop frede, troch jo en troch de goede maatregels dy't jo foar dit folk úttocht hawwe, ³ en dat wolle wy oeral en altiten erkenne, rju eale Felix, en dêr ús grutte tank foar útsprekke. ⁴ Mar om net altesfolle beslach op jo te lizzen, fersykje ik jo om sa goed te wêzen en harkje koart nei ús. ⁵ It hat ús bliken dien dat dizze man in pest is en dat er ûnder alle Joaden rûnom op ierde strideraasje bringt en ek dat er in earsten foaroanman fan 'e rjochting fan 'e Nazoreeërs is, ⁶ ien dy't besocht hat om de timpel te ûntwijen, dêr't wy him om fêstnommen hawwe. [⁷¹ ⁸ As jo him sels ûnderfreegje, kinne jo krekt útfine hoe't it sit mei de dingen dêr't wy him fan beskuldigje.' ⁹ De Joaden foelen him by en seine dat it sa wie en net oars.

¹⁰ En Paulus antwurde, doe't de gûverneur him in teken jûn hie dat er sprekke mocht: 'Gâns jierren, wit ik, binne jo rjochter foar dit folk, dat ik hâld myn eigen ferdigening yn alle betrouwen. ¹¹ Jo binne by steat om nei te gean dat it noch gjin tolve dagen lyn is dat ik yn Jeruzalem oankommen bin om te oanbieden. ¹² En se hawwe my net yn 'e timpel mei ien yn in striidpetear behelle sjoen of dat ik dêr de minsken yn opskuor brocht, noch yn 'e synagogen, noch yn 'e stêd net. ¹³ Al dy dingen dêr't se my fan beskuldigje, kinne se net iens in bewiis foar oanbringe! ¹⁴ Ik wol der foar jo lykwols al foar útkomme dat ik neffens de rjochting dy't se de Wei neame, dat ik sa de God fan ús foarfaars tsjinje, en dêrby hâld ik my fêst oan alles wat der stiet, neffens de Wet en de Profeten, ¹⁵ en stel ik myn hoop op God, krekt sa't hja ek ferwachtsje, dat der in ferrizenis wêze sil fan rjochtfearrigen en ûnrjochtfearrigen. ¹⁶ Dêrby doch ik sels ek myn bêst om altiten in suver gewisse te hawwen foar God oer en de minsken. ¹⁷ Nei ferskate jierren bin ik hjir wer om kollektejeften nei myn folk ta te bringen en te offerjen. ¹⁸ Dêr wie ik mei dwaande doe't se my yn 'e timpel troffen, suver en wol, net mei in smite folk, en alhielendal

net mei opskuor om my hinne. ¹⁹ In pear Joaden út Asia, dy't hjir eins foar jo stean moatte soene om my oan te kleien, as se wat op my tsjin hawwe, ²⁰ of oars dizze lju sels moatte gewoan sizze watfoar misdied oft se ûntdutsen doe't ik foar it Sanhedrin komme moast: ²¹ oars neat as dat iene wurd dat ik útrôp doe't ik yn har fermidden stie: "Om 'e ferrizenis fan 'e deaden stean ik hjoed by jimme foar it rjocht!"

²² Felix, dy't moai aardich op 'e hichte wie wat de Wei oanbelange, stjoerde har earst fuort en sei: 'As Lysias de tribún komt, sil ik oer jimme saak útspraak dwaan.' ²³ En hy joech de centurio oarder om Paulus fêst te hâlden en dêrby noflikens ta te passen, en om gjinien fan syn maten te beletten om him mei dingen te helpen. ²⁴ In pear dagen letter kaam Felix mei syn frou Drusilla, dy't in Joadinne wie, en hy liet Paulus by him roppe en ûnderfrege him oer it leauwe yn Kristus Jezus. ²⁵ Mar doe't dy it hie oer rjochtfearlichheid en selsbehearsking en it takomstige oardiel, gie it Felix te bot en hy antwurde: 'Gean hjir no earst mar wer wei, mar as it my wer ris past, lit ik jo wer roppe.' ²⁶ Tagelyk hope er der ek op, dat er jild krije soe fan Paulus. Sadwaande liet er him gauris komme en dan hie er petearen mei him. ²⁷ Mar doe't der twa jier om wiene, waard Felix ferfongen troch Porcius Festus, en om't er wat foar de Joaden dwaan woe, liet er Paulus fêst sette.

²⁵¹ Dat, doe't Festus syn amt op him nommen hie, gie er nei trije dagen nei Jeruzalem út Caesarea wei ² en de hegeprysters en de foarnaamste Joaden beklagen har tsjin him oer Paulus. Dêrby benaderen se him hieltyd ³ mei it fersyk om him by wize fan geunst nei Jeruzalem oer te stjoeren, want se wiene dwaande mei in mûklaach om him dan ûnderweis dea te meitsjen.

⁴ Festus fan syn kant antwurde dat Paulus yn Caesarea fêstholden waard, mar dat hy dêr sels meikoarten wer hinne soe. ⁵ 'As deselden fan jimme dy't kinne,' sa sei er, 'mei my dêrhinne reizgje, en der doocht wat net mei dy man, dan moatte dy him mar oankleie.'

⁶ Hy bleau net mear as acht of tsien dagen by har, gie doe werom nei Caesarea, hold de oare deis sitting yn 'e rjochtbank, en joech doe oarder om Paulus op te heljen. ⁷ Doe't dy deryn kaam, krongen de Joaden dy't dêr út Jeruzalem wiene allegear om him hinne. Hja brochten wakker frijwat en slimme beskuldigingen tsjin him yn, dy't se lykwols net hurd meitsje koene. ⁸ Paulus ferdigene him de hiele tiid sa: 'Noch tsjin 'e Joadske wet, noch tsjin 'e timpel, noch tsjin 'e keizer haw ik mis west!' ⁹ Festus, dy't de Joaden har sin wol wat dwaan woe, sei op it lêst tsjin Paulus: 'Wolle jo dan nei Jeruzalem om dêr yn dizze saak yn myn bywêzen berjochte te wurden?' ¹⁰ Mar Paulus sei: 'Ik stean hjir foar de keizerlike rjochtbank, en dêr hear ik berjochte te wurden. Joaden haw ik neat misdien, sa't jo ek skoan witte. ¹¹ As ik no mis bin en wat op myn gewisse haw dat de dea fertsjinnet, dan freegje ik net om moederaasje. Mar as it neat is dêr't dizze lju my fan beskuldigje, kin gjinien my by wize fan geunst oan har útleverje. Ik berop my op 'e keizer!'

¹² Neidat er mei syn riedslju oerlein hie, antwurde Festus: 'De keizer hast dy op beroppen, de keizer giest hinne.' ¹³ Der wiene in pear dagen foarbygien, doe kamen kening Agrippa en Bernice yn Caesarea oan om Festus wolkom te hjitten. ¹⁴ Omdat dy dêr ferskate dagen trochbrochten, lei Festus de kening de saak tsjin Paulus foar. Hy sei: 'Der is hjir noch in man dy't Felix hjir as finzene bliuwe litten hat. ¹⁵ Doe't ik yn Jeruzalem kaam, hawwe de hegeprysters en de âldsten fan 'e Joaden my oer him ferteld mei de fraach om him te feroardieljen. ¹⁶ Ik haw har as beskied jûn dat it by de Romeinen gjin wizânsje is om in minske by wize fan geunst út te leverjen ear't hy dy't beskuldige is foar syn beskuldigers oer stiet en de kâns kriget om him tsjin 'e oanklacht te ferdigenjen. ¹⁷ Dat doe't se hjir mei-inoar kamen, haw ik sûnder foar-my-út-skowerij de oare deis sitting holden yn 'e rjochtbank en sa de man ophelje litten. ¹⁸ De oanklagers krongen om him hinne en beskuldigen him wakker, net fan misdieden dêr't ik oan tocht, ¹⁹ mar se hiene in stikmannich striidpunten mei him oer har eigen byleauwe en oer de iene of oare deade Jezus, dêr't Paulus wakker fan sei dat dy libbet. ²⁰ Omdat ik ek net wist hoe't ik mei it ûndersyk nei soks

fierder moast, hie ik it útstel, as er dat woe, koe er nei Jeruzalem en dêr oer dy dingen berjochte wurde. ²¹ Mar Paulus gie yn berop om fêst te bliuwen, mei it each op in útspraak fan 'e majesteit, dat ik haw befel jûn om him fêst te hâlden oant ik him nei de keizer ta stjoere kin.' ²² Agrippa sei tsjin Festus: 'Dy man woe ik sels altyd al ris hearre.' 'Moarn,' sei er, 'hearre jo him.' ²³ Dat, doe't Agrippa de oare deis en Bernice yn grutte pronk oankamen en de ûntfangstseal yn giene mei legeroffisieren en foaroansteande ynweners fan 'e stêd en Festus oarder jûn hie, waard Paulus ophelle. ²⁴ En Festus: 'Kening Agrippa, en jimme allegearre dy't hjir oanwêzich binne, hjir sjogge jimme de man om wa't de hiele Joadske kliber, yn Jeruzalem likegoed as hjirre, by my kommen is, te mâlbearen dat er net langer libje mei. ²⁵ Mar ik haw fan myn kant foar it ferstân krige, dat er neat op syn gewisse hat dat de dea fertsjinnet, en omdat dizze man sels him op 'e majesteit beroppen hat, haw ik besletten, ik stjoer him troch. ²⁶ Wat bestekliks haw ik net om oan myn hear oer him te skriuwen, dat sadwaande haw ik him foar jimme brocht, en benammen foar jo, kening Agrippa, dat ik as 't treft nei jo ûnderfreging wat te skriuwen haw. ²⁷ Want it hat neffens my gjin doel, as men in finzene trochstjoert, om de beswieren tsjin him net dêrby oan te jaan.'

²⁶ Dêrop sei Agrippa tsjin Paulus: 'It wurdt jo tastien om oer jo gefal it wurd te fieren.' Doe gebearde Paulus mei de earm en hy hold in ferantwurding: 'Oer alles dêr't ik troch de Joaden fan beskuldige wurd, ² kening Agrippa, bin ik fan betinken dat ik it troffen haw dat ik hjoed yn jo bywêzen in ferantwurding hâlde hâlde mei, ³ jo, dy't it meast fan allegearre kundich binne op it mêd fan alle gebrûken en striidfragen ûnder de Joaden. Dat dêrom fersykje ik jo om my geduldich oan te hearren.

⁴ Wolno, myn libbensrin, fan myn alderearste bernetiid ôf middenmank myn folk en yn Jeruzalem, kenne alle Joaden. ⁵ Hja wisten al lang, as se it tajaan wolle soene, dat ik neffens de strangste rjochting fan ús godstsjinst, as Fariseeër, libbe haw. ⁶ No ek, ik stean hjir foar it rjocht omdat ik hoopje op 'e tasizzing fan God oan ús foarâlden. ⁷ Om dy hoop as werklikheid te sjen tsjinje de tolve stammen fan ús folk, stânfêst, nachts en deis, God. Om dy hoop, o kening, wurd ik troch de Joaden oanklage. ⁸ Wêrom fine jimme dat men net leauwe mei dat God minsken út 'e dea weromropt?

⁹ Foar mysels kaam ik op dit stânpunt út, de namme fan Jezus de Nazoreeër moast ik safolle mooglik skea dwaan, ¹⁰ en dat haw ik yn Jeruzalem ek dien. Ja, gâns hilligen haw ik yn it kasjot smite litten, neidat ik dêrta de folmacht fan 'e hegeprysters krige hie, en doe't se om hals brocht waarden, stimde ik foar. ¹¹ Yn alle synagogen haw ik se ek kear op kear geweken nommen om se sa te twingen ferkearde dingen oer God te sizzen, en bûten alle roai gie ik tsjin har tekear as ik har ferfolge, ja sels yn 'e stêden om utens. ¹² Doe't ik sadwaande in kear mei in machtiging en yn opdracht fan 'e hegeprysters nei Damaskus ûnderweis wie, ¹³ seach ik midden op 'e dei, o kening, hoe't út 'e himel wei, noch fûler as de skittering fan 'e sinne, in ljocht út 'e himel my omstriele, en myn reisgenoaten ek. ¹⁴ Allegearre foelen wy oer de grûn en sa hearde ik in stim dy't yn it Arameesk tsjin my sei: "Saul, Saul, wêrom sitst sa efter my oan? Hast dysels dermei de hoarnen yn 'e wâl te stekken." ¹⁵ Mar ik sei: "Wa binne jo, Hear?" De Hear sei: "Ik bin Jezus, dêr'tsto efteroan sitst. ¹⁶ Mar kom oerein en gean op dyn fuotten stean, want hjirom bin ik oan dy ferskynd om dy oan te stellen as myn tsjinstfeint en as tsjûge fan watsto sjoen hast en watsto noch fan my sjen silst, ¹⁷ ien dy't ik my útsykje út myn folk en út 'e heidenfolken dêr't ik dy hinne stjoer, ¹⁸ om har de eagen te iepenjen, dat se har fan it tsjuster nei it ljocht keare en fan 'e macht fan Satan nei God, om ferjouwing fan har sûnden te krijen en in erfdiel mei dy't hillich binne troch har betrouwen yn my."

¹⁹ Sadwaande, kening Agrippa, ik haw dat himelske fizjoen al nei my nommen ²⁰ mar ik

ferkundige, earst oan 'e ynwenners fan Damaskus en dy fan Jeruzalem en doe oan it hiele Judeeske lân en oan 'e heidens, se moasten har feroarje en har op God rjochtsje, mei dieden dy't by dy bekearing pasten. ²¹ Dêrom hawwe de Joaden my yn 'e timpel oppakt en besochten se om my te deadzjen. ²² Dat, mei de help fan God stean ik oan 'e dei fan hjoed ta foar lyts en grut te tsjûgjen en sis ik neat oars as wat de profeten sein hawwe dat barre soe, en Moazes ek: ²³ dat de messias lije soe, dat er as earste dy't út 'e dea ferriisd is, it ljocht ferkundigje soe oan syn folk en oan 'e heidenfolken.'

²⁴ Wylst Paulus op dy manier syn ferantwurdiging hold, rôp Festus út, mei lûde stim: 'Bist net wiis, Paulus, al dat learen bringt dy ta dwylsin!' ²⁵ Mar Paulus sei: 'Ik bin net gek, rju eale Festus, mar ik sprek wiere en ferstannige taal. ²⁶ Dizze dingen is de kening wol mei op 'e hichte, tsjin wa't ik ommers yn alle frijmoedigens it wurd fiere mei. Want ik wol net leauwe dat him ien fan dizze dingen ûntkommen is, dit binne gjin barrens yn in úthoeke. ²⁷ Leauwe jo de profeten, kening Agrippa? Ik wit dat jo se leauwe!' ²⁸ Agrippa sei tsjin Paulus: 'Noch efkes, en do hast my safier dat ik sa'n Kristus-man wurd!' ²⁹ Paulus sei: 'Ik soe God der wol om bidde wolle dat net allinne jo, mar alle gearre dy't nei my harkje hjoed noch wurde mochten lykas my, no daliks en folslein, op dizze boeien nei dan.'

³⁰ De kening en de gûverneur kamen oerein, en ek Bernice en de oaren dy't dêr mei harren sieten. ³¹ Under it fuortgean praten se mei-inoar en seine: 'Dizze man docht neat dat de dea of boeiens fertsjinnet.' ³² En Agrippa sei tsjin Festus: 'Dizze man koe al lang frij wêze, as er gjin berop op 'e keizer rinnen hie.'

²⁷ Doe't der besletten wie dat wy oer see nei Italië ta soene, stelden se Paulus en in stikmannich oare finzenen ûnder it gesach fan in centurio fan it kohort Augusta, dy't Julius hiet. ² Wy giene oan board fan in skip út Adramyttium dat de havenstêden fan Asia bylâns soe en stutsen fan wâl. Aristarchus, de Masedoaniër út Tessalonikê, wie ek by ús. ³ De oare deis kamen wy yn Sidon en Julius, dy't Paulus freonlik behannele, liet him nei syn freonen ta gean om te krijen wat er nedich wie. ⁴ Doe't wy wer ôfsetten, fearen wy ûnder Syprus lâns omdat de wyn hieltyd ferkeard stie. ⁵ Wy fearen de see by Silisië en Pamfilië troch en kamen yn Mura yn Lysië. ⁶ Dêr fûn de centurio in skip út Aleksandrië dat ûnderweis wie nei Italië en liet ús dêrop oerstappe. ⁷ Dagen lang kamen wy omtrint net foarút en mei lijen kamen wy op 'e hichte fan Knidos. De wyn siet ús dwers en dêrom fearen wy ûnder Kreta lâns by Salmone del. ⁸ It koste ús muoite om dêr foarby te kommen, mar doe kamen we op in plak dat Goede Havens hjit. Net fier dêrwei lei in stêd, Lasaia.

⁹ Der wie al frijwat tiid ferrûn en de seereis wie al nuodlik, want de festelde hie al west. Dêrom warskôge Paulus ¹⁰ har mei de wurden: 'Mannen, ik sjoch dat dit in seereis wurdt mei gefaar en gâns ferlies, net allinne foar de fracht en it skip, mar ek foar ús libben.' ¹¹ De centurio hie lykwols mear fidúsje yn 'e skipper en de eigener as yn 'e wurden fan Paulus. ¹² En omdat de haven net sa gaadlik wie om te oerwinterjen, wiene de measten derfoar om dêr wer wei de see op, dat se faaks oan Feniks ta komme soene om dêr de winter troch te bringen. Dat is in haven op Kreta dy't op it súdwesten en it noardwesten útsjocht.

¹³ Doe't der in sudewyntsje opstuts, tochten se dat it klear wie mei har foarnimmen. Se lichten it anker en fearen ticht by Kreta lâns. ¹⁴ Mar al gau kaam dêr in stoarmwyn wei setten, de saneamde Eurakulôn. ¹⁵ It skip waard meiskuord en it slagge net om it mei de kop yn 'e wyn te krijen, dat wy joegen it oer en lieten ús driuwe. ¹⁶ Doe't wy yn 'e lijte fan in eilantsje dat Klauda hjit kamen, krigen wy mei lijen de sloep wer yn 'e macht. ¹⁷ Doe't se dy binnenboard hiene, bûnen se mei lieren touwen om it skip. En omdat se bang wiene dat se by de Syrte bedarje soene, reven se it seil en lieten har sa wer driuwe. ¹⁸ Omdat wy slim fan 'e stoarm te lijen hiene, wiene se de oare deis hieltyd oan it lossen, ¹⁹ en noch in dei letter smieten se eigenhandich it túch fan it skip

oerboard. ²⁰ Dagen lang wiene sinne noch stjerren te sjen en de stoarm hold net in lyts bytsje oan, dat op it lêst ferlearen wy alle hoop dat wy it oerlibje soene.

²¹ Al gâns in skoft hie gjinien wat iten. Doe gie Paulus tusken har yn stean en sei: ‘Mannen, jimme hiene ek nei my harkje moatten en net fan Kreta ôfstekke, en dit gefaar mei alle skea hiene jimme jimme besparje kind. ²² Mar no stean ik der ek wer by jimme op oan om moed te hâlden, want gjinien fan jimme sil it libben te ferliezen krije, allinne it skip. ²³ Want fannacht hat der in ingel by my west fan God. Sines bin ik en him tsjinje ik. ²⁴ Dy sei: ‘Wês mar net bang, Paulus. De keizer moatst foar ferskine en sjochris, allegearre dy’t mei dy op it skip sitte jout God dy it libben fan by wize fan geunst.’ ²⁵ Dus, mannen, jimme moatte moed hâlde, want ik betrou op God, dat alles sa komt as dat ik it boadskip krige haw. ²⁶ Wy sille by ien of oar eilân útkomme moatte.’

²⁷ De fjirtjinde nacht dat wy dêr yn ’e Adriatyske See omdreaune, hiene de seelju om middennacht hinne it gefoel dat der lân tichter by kaam. ²⁸ Se lieten it lead sakje en meaten tweintich fiem, in eintsje fierder lieten se it lead wer sakje en meaten fyftjin fiem. ²⁹ Omdat se bang wiene dat se earne op rotsige stikken slaan soene, smieten se fan it efterskip fjouwer ankers út en woene dat it mar dei waard. ³⁰ Mar doe’t de seelju besochten om fan board, en de sloep yn see sakje litten hiene, sabeare om ek oan ’e foarkant de ankers út te setten, ³¹ sei Paulus tsjin ’e centurio en de soldaten: ‘As dy lju net op it skip bliuwe, kinne jimme it net oerlibje.’ ³² Doe kappen de soldaten de touwen fan ’e sloep troch en lieten dy fuortdriuwe. ³³ Doe’t it sawat begûn te daagjen, trune Paulus elkenien oan om wat te iten. Hy sei: ‘It is hjoed al de fjirtjinde dei dat jimme oan ien tried wei yn spanning sitte en neat ite. ³⁴ Dêrom ried ik jimme oan om wat ta jimme te nimmen. Dat is mei it each op jimme behâld, want net ien fan jimme sil in hier fan ’e holle kwytretsjje.’ ³⁵ Neidat er dat sein hie, krige er in bôle, tanke God dêr’t se allegearre by wiene, bruts dy yn stikken en begûn te iten. ³⁶ Se krigen allegearre wer moed en namen sels ek wat te iten. ³⁷ Alles byinoar wiene wy mei twahûndertseisensantich man oan board. ³⁸ Doe’t se har sêd iten hiene, makken se it skip lichter troch it nôt yn see te smiten.

³⁹ Doe’t it dei waard, koene se it lân net thúsbringe, mar se seagen al in bocht mei in strân en se holden oerlis om dêre, as it slagge, it skip oan ’e grûn te setten. ⁴⁰ Se makken de ankers los en lieten dy yn ’e see bliuwe, neidat se tagelyk de riemen losmakke hiene dêr’t it roer mei fêstsiet en it lytse seil ophyst hiene. Sa holden se op it strân oan. ⁴¹ Mar se bedarren op in ûndjipe en lieten it skip dêrop fêstrinne. En de boech rûn op ’e grûn en bleau muorrefêst sitten, mar de stjûne waard troch alle geweld losslein. ⁴² De soldaten krigen it plan om de finzenen dea te meitsjen, dat net ien troch fuort te swimmen ûntkomme soe. ⁴³ Mar de centurio, dy’t Paulus sparje woe, ferbea har dat foarnimmen en joech it befel dat elk dy’t swimme koe earst oerboard springe moast om nei de wâl ta ⁴⁴ en de oaren of op planken of op oare dingen fan it skip. En sa kaam it dat allegearre feilich oan lân bedarren.

²⁸ Ien kear fielich oan lân fernamen wy dat it eilân Malta hiet. ² De pleatslike befolking wie ek bûtengewoan goed foar ús, want se leine in fjoer oan en namen ús allegearre op, want it wie begûn te reinen en it wie kâld. ³ Doe’t Paulus in bosk prikken byinoar fandeale en dy op it fjoer smiet, kaam dêr in njirre út troch de hjitte dy’t him fêstbiet yn syn hân. ⁴ Doe’t de pleatslike minsken it bist oan syn hân hingjen seagen, seine se tsjininoar: ‘Dy man is grif in moardner. Hy is oan ’e see ûntkommen, mar de Gerjochtichheid hat net wollen dat er yn it libben bliuwt.’ ⁵ Hy skodde it bist wol fan him ôf yn it fjoer en hie nearne lêst fan, ⁶ mar hja wachten derop dat er koarts krije soe of ynienen dea delfalle. Doe’t se dêr in skoft op wachte hiene en waarnommen dat der neat bysûnders mei him barde, feroaren se fan betinken en seine dat er in godheid wie.

⁷ Yn ’e omkriten fan dat plak hie de heechste bestjoerder fan it eilân, in Publius, in bûtenhûs.

Dy ûntfong ús tige freonlik en joech ús trije dagen lang ûnderdak. ⁸ No woe it gefal dat Publius syn heit mei koarts en pine yn 't liif op bêd lei. Paulus gie nei him ta, die in gebed, lei him de hannen op en makke him better. ⁹ Nei dat barren kamen ek de oaren op it eilân dy't in krupsje hiene nei him ta en der waard yn har need foarsjoen. ¹⁰ Dat se bewiisden ús gâns ear en doe't wy fuort soene, joegen se ús mei dêr't wy ferlet fan hiene. ¹¹ Nei trije moannen fearen wy ôf mei in skip dat de winter oer op it eilân lei. It kaam út Aleksandrië en hie as boechbyld de Dioskueren. ¹² Doe't wy yn Syrakuze oankommen wiene, bleaune wy dêr trije dagen. ¹³ Dêrwei stutsen wy oer en kamen yn Regium oan. De oare deis stuts der in sudewyn op, dat yn twa dagen wiene wy al yn Puteoli. ¹⁴ Dêr troffen wy bruorren en susters dy't ús útnûgen om sân dagen by har te bliuwen. En sa kamen wy yn Rome. ¹⁵ Dêr hiene de bruorren en susters ek al heard wat wy meimakke hiene en se kamen ús temjitte by it foarum fan Appius en de Trije Herbergen. Doe't Paulus har seach, tanke er God en krige er rêst. ¹⁶ Doe't wy yn Rome oankommen wiene, krige Paulus tastimming om op himsels te wenjen mei de soldaat dy't him bewekke.

¹⁷ Trije dagen letter wie it sa fier dat er de doetiidske liederen fan 'e Joaden mei-inoar by him útnûge. Doe't dy allegearre kommen wiene, hie er in petear mei har: 'Bruorren, ik persoanlik haw neat misdien tsjin ús folk of tsjin 'e libbenswize fan ús foarfaars, mar ik bin dochs as finzene út Jeruzalem wei oan 'e Romeinen oerdroegen. ¹⁸ Dy woene my, doe't se my ferheard hiene, frijlitte om't ik neat op myn gewisse haw dêr't ik om dea moatte soe. ¹⁹ Omdat de Joaden dêr beswier tsjin makken, moast ik my wol op 'e keizer beroppe, mar net omdat ik myn folk hjir of dêr fan beskuldige woe. ²⁰ Dat sadwaande haw ik jimme frege om by my te kommen, om jimme te sjen en jimme ta te sprekken, want fanwegen de hoop fan Israel draach ik dizze boeiens.' ²¹ Hja seine tsjin him: 'Wy hawwe gjin brieven oer jo út Judea wei krige en der is ek gjinien fan ús bruorren by ús kommen dy't wat ferkeards oer jo oerbrocht of ferteld hat. ²² Mar wy soene al graach fan jo hearre wolle hoe't jo tinke, want wy witte wol, dy rjochting fan jo kriget rûnom wjerstân.'

²³ Neidat se mei him in dei ôfpraat hiene, kamen se mei mear by him yn it hûs dêr't er tahold. Hy joech har útlis en beprate mei har it hiele keningskip fan God en dêrby besocht er har oangeande Jezus oer te heljen op grûn fan 'e wet fan Moazes en de profeten, fan moarns ier oan 'e jûn ta. ²⁴ En guon fan har lieten har oertsjûgje troch wat er sei, mar oaren woene it net leauwe. ²⁵ Se koene it net mei-inoar iens wurde en sa soene se útinoar, doe't Paulus noch ien ding sei: 'Mei rjocht en reden hat de hillige Geast troch de profeet Jesaja tsjin jimme foarâlden sprutsen mei de wurden: Gean nei dit folk ta en sis: "Jimme sille wakker harkje, mar der neat fan begripe, en jimme sille wakker sjen, mar der neat fan sjen." ²⁷ Want it hert fan dit folk is ôfstompe, de earen woene se mar min mei hearre en de eagen hawwe se tichtdien, dat se mei de eagen neat sjogge, dat se mei de earen neat hearre, dat se mei it hert neat begripe, dat se har feroarje – dan sil ik har genêze. ²⁸ Dat no meie jimme wol witte dat dit boadskip fan rêding nei de heidenfolken tastjoerd wurden is; en dy sille al harkje.' [²⁹

³⁰ Twa folle jierren bleau Paulus yn in eigen hierwente en dêr wie elk dy't nei him takaam, wolkom. ³¹ Dêr ferkundige er it keningskip fan God en joech er ûnderrjocht oer Jezus Kristus, mei alle frijmoedichheid en sûnder behinderings.